

Hans Brans

IT KISTKE FAN ROORDA

**Lokaasje teater
SPANNUM 2017**

'It Kistke fan Roorda'

is skreaun troch Hans Brans
yn opdracht fan Stifting Mei-inoar Spannum

Korreksje Frysk: Bea Bouma-Valkema

'It Kistke fan Sybrant Roorda' waard opfiert op 15, 16, 17 en 18 juny 2017.

© Hans Brans, Weidum 2016

f.4.6

Ta ynlieding

In pear jier lien waard yn'e tsjerke fan Spannum de grêfstien ûntdútse fan Sybrant Roorda, in ealman út in ferneamde Fryske famylje, dy 't libbe fan 1480 oan 1556.

Stifting Mei-inoar yn Spannum beslút om in teaterfoarstelling te meitsjen mei it libben fan dizze Sybrant Roorda as útgongspunt. It moast in histoarysk stik wurden, mar dan wol tagonklik foar in breed, hjoeddeistich publyk, dat meinaam wurdt op ferskate plakken yn it doarp.

De seis spylplakken bepalen foar in part de ynhâld en de sfear fan de tafrielen. Mei inoar jouwe se net allinne in byld fan it libben fan in Frysk ealman en syn famylje op it ein fan de midsieuwen, mar ek fan de wichtige saken fan it libben dy net echt feroare, mar dy't elkenien sykje en ûnderfinen moat. Yn it kistje fan Roorda sit it geheim fan it libben.

Om't it publyk nei it earste tafriël ferparte wurdt yn trije ploegen sjocht nimmen it ferrin fan Roorda's libben yn gronologyske folchoarder. Dat betsjut ek dat alle sênes op himsels stean en elts in eigen ferhaal fertelle. Alline by sêne 1, 4 en 6 binne alle taskôgers tagelyk oanwêzich.

Ûnderweis fan de iene nei de oare lokaasje moetsje de taskôgers mei harren gidsen ferskate tiidgenoaten fan Roorda fan, sis mar, 'legere komôf'. De lytste petearen dy sy ha mei it publyk binne net yn dizze tekst opnaam.

Ynhâld

- 1. De nuvere begraffenis fan Sybrant Roorda** **side 1**

Jonker Sybrant Roorda wurdt begroeven yn de tsjerke fan Spannum. In part fan syn húshâlding wie al ferstoarn, mar dochs binne se noch hieltiten oanwêzich. Ek nei de dea giet it libben troch, alteast yn de hollen fon wa efter bliuwe. As syn soan en in 'ûnechte' soan spul krije oer de erfenis, ropt de jonker syn lytsbern fan 'de oare kant' by him en stjoerd harren op paad om sels it geheim fan it libben te ûndútsen.
- 2. Ôfskied – 'Lytse wrâld / Grutte wrâld'** **side 14**

Keimpo fan Martena, in freon fan Sybrant Roorda, komt op jierdeibesite by de âldste soan. Yn opdracht fan de keizer hat hy in boek skreaun dat de basis foarme sil fan it bestjoer fan Fryslân. No noeget er Sybrant út foar in lange reis nei de Ryksdei yn Worms om de keizer te moetsjen. De lytse wrâld fan bern en doarp moetet de grutte wrâld fan machtige mannen en striid.
- 3. Ryksdei yn Worms - 'Wa hat de wierheid?'** **side 25**

Sybrant Roorda is tsjûge as Maarten Luther yn de ban dien wurdt troch keizer Karel V as hy syn stellingen net wol ynlutsen. Mei in âld ferhaal oer trije ringen en it 'wiere leauwen' pleit Roorda foar tolerantste, mar it slagget him net de oaren te oertsjûgen. Nije oarloggen binne net mear te kearen.
- 4. De Slach om Spannum** **side 37**

Twa ieuwen lang waard Fryslân ferskoarre troch de striid tusken Skieringers en Fetkeapers. As de lêste slach yn folle gong is, besiket Roorda te begripen wat de oarsaak wie fan it geweld en hoe it te stoppen is.
- 5. Brulloft - 'San sûnden, sân deugden'** **side 47**

De âldste dochter fan Roorda sil trouwe en it doarp fiert feest. Fan heit en mem kriget it nije pear in famyljestik kado: in grutte kast mei laadsjes en fakjes. Oan de hân hjirfan leit heit de San Deugden en de San Haadsûnden út wer dat elk minsk op syn libbenspaad mei te krijen hat.
- 6. Doop - 'In geheim bewarje'** **side 59**

It earste lytsbern fan Sybrant Roorda sil doopt wurde, mar de man is no âld en wurch. Hy hat syn frou ferlern en de helte fan syn bern. Wat hat it libben him brocht? Dan komme al syn lytsbern dy hy op paad stjoert hie werom, de gidsen fan de foarstelling. Elkenien hat syn eigen 'kistje fan Roorda'. Wat hja sjoen hawwe fan syn libben foarmet no de basis foar harren eigen libben. Sa sjocht Roorda tusken de spûken fan it ferline de ljochtsjes skimerjen fan nij libben en in nije tiid.

DE NUVERE BEGRAFFENIS
FAN
SYBRANT ROORDA

Personaazjes:

Harm Harmensz	koster
Homme Hommertsz	notaris
Dûmny Heilbot	
Pastoar Lievens	
Mistsjinner	
Sybrant Roorda	85 jier (†)
Haringh Roorda	syn frou, 60 jier (†)
Ymck	dochter, 45 jier (†)
Jurriën	soan, 44 jier
Here	soan, 34 jier (†)
Anna	dochter, 29 jier (†)
Johan	soan 21 jier (†)
Goffe	bastertsoan, 59 jier

Pakesizzers: Simke, Sytze, Sybren; Sytske, Sijke en Saapke

(Seis bernsbern fan Sybrant Roorda, miskien trije jonges en trije famkes, yn leeftyd fariërend tusken de sân en achttjin jier. Sy begeliede fanôf it ein fan it Earste Tafriel, yn keppels, de trije groepen fan it iene nei it oare spylplak.)

(As it publyk der yn komt stiet de kist fan Sybrant Goffes Roorda boppe syn eigen grêfstien. Efter de kist hinget in libbensgrut skilderd portret fan de man. Hjir en dêr binne roufersierselen. De tsjerkebank tsjinoer de preekstoel is reservearre foar de famylje Roorda. De koster komt nei foaren, folge troch de notaris, dy't in lyts kistke by him hat.)

HARMENSZ

Beminde leauwenden, achte oanwêzigen. Moai dat jimme allegearre yn sokke grutte getallen oanwêzich binne om, yn it jier des Hearen 1550, ôfskie te nimmen fan ien fan Fryslâns grutste soannen, de Spannummer Sybrant Goffes Roorda.

HOMMERTSZ

Hy is net yn Spannum berne hear, mar yn Tsjummearum.

HARMENSZ

Tige tank notaris Hommertsz. *(tsjin publyk)* Jo moatte my it mar net kwea ôf nimme. Ik bin mei dûmny Heilbot meikommen en it is noch net sa lang lyn dat we dizze parochy, eeh gemeente, oer eeh nommen ha. Sadwaande is it soms efkes sykjen. Efkes sjen... oh ja ik wol jimme freonlik fersykje om daliks as de famylje der yn komt op te stean en jimme haaddeksels ôf te nimmen. *(wol fuortgean)* O ja, foar ik it ferjit: de earetsjinst is noch, sa as doe hjir gebrûklik wie, yn it Latyn. Is dr immen dy dizze deade taal net de baas is? *(sjocht rûn)* Dan binne jo fêst earm en ha jo pech hân.

(Roumuzyk set yn. Hy makket in gebear fan 'opstean'. Foarôf gongen troch dûmny Heilbot rint de famylje fan efteren nei foaren. Earst in snikkende Haringh, ûnderstipe troch Ymck. Dan soan Jurriën. Dan Here, Anna en Johan. Dêrnei de bernsbarn. En op it lêst, sadat it liket as hy dr net hielendal by heard, Goffe.

Haringh, Ymck, Here, Anna en Johan ha griis smynkte gesichten. Allegearre nimme se plak yn de 'Roorda bank', allinne de bernsbarn sitte der wierskynlik foar.

Dûmny nimt plak efter in lessener, skoddet syn papieren op en kucht. De koster fertaalt it Latyn yn in hints-eftige dôvetaal.)

HEILBOT

Vita brevis est et non durat ad aeternam. Tempus fugit et in finalibus mors semper venetus ad hominemque pauperis et auc ad hominem cum multo pecunia. Sed: quod licet Jovis no licet bovis. Virs natus cum nominem excellentissimus Roorda est homo multo fortunatus. Sed in unum momentum dada alea iacta est. Veni, vidi..eh *(slagget de bledside om, rommelt yn syn papieren, wêrfan der in pear op de grûn falle)* eh foetsie, vici. Ik hie dochs sidenûmers brûke moatten. Krekt! Eh... Sybrant Goffes Roorda natus est yn Tsumearumus anno Dominem .. quarto... quatro.. cinque *(lit notaris it papier sjen)* Dy ferrekte getallen ek.

HOMMERTSZ

Fjirtsjinhûndertenfivensechstich.

HEILBOT

Yn it Latyn fansels.

HOMMERTSZ

Dat moat ik opsykje.

HEILBOT

Eh.. no ja, yn fjirtsjinhûndertenfivensechstich ergo, natus est virs splendissimus Sybrant Goffes Roorda et decidatus est ad Spannum anno Domine ..eh. *(Lit notaris lêze.)*

HOMMERTSZ

Fiiiftsjinhûndertenfyftich

HEILBOT

Krekt. Ergo: nunc – Altissimus Sybrant Goffes Roorda decidatus est in anciënitatus de ... *(lit lêze)*

HOMMERTSZ

Fiifentachtich jier.

HEILBOT

(fluit) Fiifentachtich! Soa. Der wiene net folle yn 1550 dy't sa âld waarden.

HOMMERTSZ

Moat dat no echt allegear yn it Latyn? Net ien snapt it en elkenien falt derby yn sliep.

HEILBOT

Dat testamint fan jo yn dat kistke is dochs ek yn it Latyn?

HOMMERTSZ

Jawol, mar dat is juristetaal. Dan is it ek de bedoeling dat net ien it snapt.

HEILBOT

Dat wie neffens my ek sa mei it Latyn yn tsjerke, hjir. Dat de gewoane minsken der neat fan snappe soenen. En je soene sizze, wy binne no 1550... De ierde is net plat. Amearika is ûntdutsen. En de ierde draait om de sinne ynstee fan oarsom. Dus de midsieuwen binne no wol in kear foarby, hie'k tocht. Mar ja, de nije protestantske oersetting is der noch net en de famylje woe it sa. Tige âlde famylje hear. Om net te sizzen âlderwetsk.

HOMMERTSZ

Wat der noch fan oer is dan.

HEILBOT

Hoe bedoele jo?

HOMMERTSZ

(Flústeret) Mei 85 ha je de measten wol oerlibbe.

(Dûmny sjocht ferskrikt nei de famylje die stiif en stil yn harren bank sitte)

HEILBOT

Ach hearkes.

HARMENSZ

De tiid hâldt gjin skoft, mar de dea ek net.

HEILBOT

Miskien moatte wy dochs earst yn 'e kunde komme mei de famylje. Jonkhear Roorda fynt it fêst net slim om noch eefkes te wachtsjen. *(Hy rint op de Roorda-bank ta.)* Frou Roorda, is it net? *(se reagearret net)* Jonkfrou Haringh Roorda- Hottinga, myn oprjochte dielnimming mei it ferstjerren fan jo man. *(pauze)* It is altyd slim om ien te ferliezen wêr't je fan hâlden ha. Om't je dêr noch altyd fan hâlden. Dêr kinne je net samar mei ophâlde.

HARINGH

Ik ha him net ferlern. Hy hat my ferlern.
(De notaris flústeret dûmny wat yn it ear)

HEILBOT

Wat?

HARMENSZ

Se is dea!

HEILBOT

Mar mefrou, nim my net kwea ôf. Myn oprjochte dielnimming. Ik bedoel.. Sûnt wannear? Hoe is dat sa kaam? Jo sjogge der noch sa kreas út.

HOMMERTSZ

Yn '39. It is al alve jier ferlyn. Se wie hast sechstich.

HARINGH

Fiif bern ha ik grutbrocht. Sân kear wie ik swier. Sân befallingen en ik ha se allegearre oerlibbe, tank sy de leave God en tank sy de leafde fan myn man. O Sybrant, ik hâld fan dy noch likefolle as de earste kear doe't wy te kuijerjen gongen troch de greide by Wommels en dyn hân myn wang strielde. Us heiten hiene it sa regele: de Hottinga's soene de Roorda's fan neiteam foarsjen. Mar do wiest folle mear as in Roorda: do wiest sêft, soarchsum, freonlik, earlik, moedich. Hoe koe ik dy efter litten doe't myn lichem fuort fretten waard troch in mûnster yn myn boarst? Nea koesto my ferjitten, nea soe ik dy ferlitten.

HEILBOT

Ach.. En.. dan binne jo Ymck, de âldste dochter. Ek.. ?
(De notaris knikt)

YMCK

De earste dy't my yn syn earms naam wie heit. 'Ymck' sei hy, 'se hjit Ymck, nei ús mem en nei myn suske. Want Ymck kinst net sizze sûnder glimk. Do bist de glimk dy't ús libben draachlik makket, dy't ús bystiet oant de lêste dei.'

HEILBOT

Mar do bist noch mar.. Hoe kin dat dan?

HOMMERTSZ

Se is stoarn op har fjirtichste. Men tinkt fan fertriet, om't sy net ferneare koe dat har man har bedraag en bedondere. Dat dogge manlju. Dy binne no ien kear net sa as heitie.

HEILBOT

Ach.. wat spitich. En jim dan? Ek allegear.. yn de Hear?

JURRIËN

(lilk) Sjoch ik der sa út? Ik hear der net by, man.

HERE

Here Sybrants Roorda is de namme. 34. Stoarn. Kaptein yn it leger fan Keizer Karel V, Hear fan Nederlân. Sneuvele yn de slach om Boeda, jo witte wol, by Pest. Tsjin de Turken, doe al.

HEILBOT

Stoarn foar it heitelân?

HERE

Nee, foar de sinten. Hiersoldaat wurde je foar it aventoer. En foar de sinten. Heit woe it net ha, mar heit wie in watje. Dy hat ien kear op in slachfjild west, tsjin Grutte Pier. No, dat wie gjin sukses.

HEILBOT

En do, skoane frou?

ANNA

De pest. Yn it selde jier doe't ús mem ferstoar. Sa mar yn ien kear. Twa wiken siik en dêr meande de seine fan de dea my fuort. En twa jier letter, myn alderleafste broerke Johan.

JOHAN

Ienentweintich wie ik. Dat is dochs net earlik? En ús heit is 85 wurden.

HEILBOT

Ik tink dat hy graach tsien jier fan syn libben oan dy jûn hie as hy dan mar net mei hoegde te meitsjen dat syn hiele famylje, de ien nei de oar, ferstoar. *(Jurriën kucht)* Op ien nei dan.

GOFFE

(praat hieltyd mei bulderende stim) Hoesa, op ien nei!?

HEILBOT

En wa binne jo as ik freegje mei?

GOFFE

(stiet op). Myn namme is Goffe Sybrants Roorda! Aldste soan en wettich erfgenamt fan Sybrant Goffes Roorda!

JURRIËN

Hoesa wettich? Wat no wettich? Neat net wettich! In bastert bliuwt in bastert!

GOFFE

Dat nimst werom, smjunt!

(De twa geane elkoar te liif. Mei grutte muoite witte de koster, de notaris en de dûmny harren út elkoar te lûken: 'Rêstich! Kalm! Hearen, hearen! Tuike, tuike!')

HEILBOT

Wy binne hjir yn tsjerke.

HARMENSZ

Der binne bern by.

HEILBOT

Ach, dat is wier ek. Jim binne de pakesizzers, nim ik oan?

PAKESIZZERS

(tagelyk) Jawol menear pastoar.

HEILBOT

Sis mar dûmny. Dûmny Heilbot.

PAKESIZZERS

Jawol dûmny dûmny Heilbot.

HEILBOT

En jim binne net ... Jim libje noch?

PAKESIZZERS

Jawol dûmny dûmny Heilbot.

HEILBOT

Moai.

GOFFES

Kinne jo avensearje? Ik kom hjir foar mar ien ding. En dat is dat. *(wiist op it kistke fan de notaris)*

HARMSZN

Aha. It kistke fan Roorda.

HOMMERTSZN

(omklammet it kistke mei beide hannen) It testamint fan Sybrant Roorda mei pas iepene wurde as de ferstoarne te hôf brocht is.

JURRIËN

Dat sil net gean want hy wurdt hjir yn tsjerke begroeven.

HOMMERTSZN

Dat bedoel ik.

HEILBOT

Dus dat is syn testamint?

GOFFES

Krekt. En dêr stiet yn dat ik syn wettich, âldste soan bin en dus de erfgenamt fan syn titels en al syn besittingen.

JURRIËN

Heit hat my altyd as syn âldste soan beskôge.

HEILBOT

Mar dyn mem is dus net syn mem, begryp ik?

HARINGH

Ik ha him altyd behannele as wie it myn eigen soan.

GOFFES

Mar dat wie ik dus net. Brûk jo ferstân: hja wie kwealik tolve doe't ik berne waard. En doe't sy trouden wie ik fjirtjin.

JURRIËN

En in bastert bliuwt in bastert.

HARMENSZ

Wa hie dat ea tocht fan dy bêste, brave jonker Roorda?

GOFFES

Heit hat my erkenne as syn soan. Neat bysûnders. Alle hege hearen ha bern krigen bûten it houlik.. Wat tochten jo dan? In man moast dochs witte wat er dwaan moast op syn houliksnacht? En dan al dy arranzjearde houliken, of dat sa'n feest wie. As man ha jo no ien kear wolris ferlet.. En as wy no in middel hiene om de mooglike gefolgen te kearen, mar dat hiene wy no ien kear net...

HEILBOT

Ik bin ferbjustere.

JURRIËN

Do besmoargest de neitins oan ús heit.

GOFFES

Do bedoelst: ik ha lok en do hast pech. Us grutte keizer Karel V, hear fan Nederlân, kening fan Spanje en keizer fan it Hillige Roomske Ryk, it foarbyld fan ús heit, foarfechter fan it Wiere Leauwen en strider tsjin de mohammedanen en de protestanten...

HIELBOT

(skrikt) – protestanten..?

GOFFES

.. dy hat yn elk stêdsje in oar grien blêdsje. Dy hat by in poartewachtersfrou yn Gent in neikommeling dy't meikoarten generaal wurdt.

HEILBOT

Wat bedoele jo mei strider tsjin de protestanten?

(Fan efter komt yn sân hasten en yn fol ornaat de pastoar oansetten, folge troch in mistsjinner mei wijreekfet.)

LIEVENS

(fleurich) Dêr wie ik al. Ik bin wat oan de lette kant, mar jimme binne noch net begûn, sjoch ik wol. Ah, de famylje sit al, hielendal kompleet. Moai, moai. It muoit my dat ik wat oan 'e lette kant bin, mar ik kom krekt fan de Weaze yn Ljouwert om ôflaten te ferkeapjen. Kroegen en bordelen no, dêr ha je dochs altyd de bêste klandysje. Hoe mear sûnde, hoe mear ... eh spyt. *(jout kaartsjes oan it publyk)* Faaks ha jo ek noch ynteresse? Sjoch dit is foar haadsûnden en op de efterkant stjit it taryf foar de deistige sûnden. As jo bygelyks in ûnwettich bern ferwekt ha, in bastert sis mar – en jo betelje my tsien dukaten, dan is dat.. efkes sjen... 'seks binnen it houlik, seks bûten it houlik, seks sûnder gefolgen' ... ha, hjir ha ik it! 'Seks mei gefolgen bûten it houlik': dat jout mei 10 dukaten 10 dagen minder strafsitte yn it fagefjoer. En as jo tweintich dukaten doneare dan krije jo in koarting fan 30 dagen. Jo sjogge my oan as jo net witte wat it fagefjoer is. Dat is in soarte fan pre-hel wêr't jo roasterje wurde om noch in bytsje kâns te meitsjen om yn 'e himel te kommen. Net noflik. Mar dêr is lokkich wat oan te dwaan. Jonker Roorda bygelyks hat foar syn houlik in grut part fan dizze hiele tsjerke betelle. Hy kin it hiele fagefjoer grif oerslaan, hy sjocht al lang en breed op ús del fanút de himel. Jo mefrou. Tinke jo wolris oan seks? Jawis. Dat is ferbean. As jo my no 5 euro betelje per kear dan makket dat op jierbasis.....

HEILBOT

Wa binne jo?

LIEVENS

Wa binne jo?

PAKESIZZERS

Dûmny dûmny Heilbot!

LIEVENS

Dûmny? Mar dan binne jo minstens tritich jier te betiid. In echte Fries, tink? Dy binne altyd te betiid. Bêste man, wy binne no 1550. Oer fiif jier treedt ús Keizer Karel de V ôf. Jo witte wol, de keizer fan it Hillige Roomske Ryk, Hear der Nederlân en kening fan Spanje. Dan krije wy syn soan kening Filips, de byldenstoarm, de Acte van Verlatinghe en 'De koning van Hispanje heb ik altijd geëerd' (maar niet heus) – en dán pas binne jo oan 'e beurt.

HEILBOT

Ik tocht dat Spannum al lang protestantsk wie.

LIEVENS

Dat ha jo dan ferkeard tocht. Hoewol, Jonker Roorda hat wol in kear dy, Maarten Luther fan jo, syn kont rêden. Alleast dat hat hy besocht. Mar ik wit it goed makke! As jo no foar fyftich dukaten in ôflaat ...

HEILBOT

Gjin sprake fan. Dat is ferrifelderij en sekfollerij.

LIEVENS

Sekfollerij? Dit giet streekrjocht nei de nije Sint Piter yn Rome. Foar de grutste en moaiste tsjerke dy't de wrâld ea sjoen hat. Oer fiifhûndert jier stean de ... eh toeristen yn 'e rige om der yn te kommen.

HEILBOT

Ik ha myn prinsipes.

LIEVENS

Ik ek. Mar dy fan my binne rekber. No, ja gean no mar sitten, want wy moatte los mei de tsjinst foar Jonker Roorda. Ach it wie sa'n goede man, sa'n goede man. As hy der net west hie ... No ja. (*tsjin Jurriën en Goffe*) Jou jim no ek efkes del. Mei dat testamint komt it allegearre goed, Jurriën. En do hoechst ek nearne oer yn te sitten, Goffe. Ik ha it allegearre regele mei de Jonker foar in pear ekstra ôflaten. Ach, it wie sa'n goede man, sa'n goede man. Klear?

(Wylens hat hy in swart kazuifel oanlûkt en hat de mistsjinner in grut boek klear lein. Hy flústeret de pastoar noch wat yn it ear.)

Sis do it mar.

MISTSJINNER

Binne der minsken dy't Latyn net machtich binne? (*pauze*) Dy ha dan pech hân.

HEILBOT

O nee, dochts net yn it Latyn, wol? Wy woene dat krekt ôfskaffe. De minsken snappen der neat fan en se falle derby yn sliep.

LIEVENS

Dat is tradysje en fêst hâlde oan tradysjes is no ien kear ien fan ús prinsipes. Boppedat hoege je ek net alles te snappen. It giet om de sfear, om it gefoel.

(Hy set in plechtich gesicht, kucht en begjint steatlik in pseudo-latynske tekst foar te lêzen, wêrby alle persoanen al gau yn sliep sukkelje. Tidens de dialooch fan de Pakesizzers mei Sybrant Roorda, giet de pastoar op in sêft preuvelje toan fierder.)

Lorem ipsum dolor sit amet, consectetur elit. Quia absurdum penalitum ventum. Quod licet Jovis, non licet bovis. Sed aenean massalis in eaternam eaternitatus. Cum socii natoque anno Domine zero et penatibus magnis quae dies parturient montabile tabula. Alia iacta est. Etiam: timeo Danaos et dona ferentes. Priamus papas, quia nascetur in ridiculus ars excessivibus, sed vita brevis. Gloria in Celsius gradus, cum donec quam felix, ultricies nec, pellentesque eu, pretium quis gigantescum. Amor omnia vincit sic quando favoralitate per protectionibus effectus. Par consequentiam nulla nemin perforata quis enim memorabilia prullaria. Omen est nomen vice versa et mors finalibus est. Donec pede justo fringilla vel, aliquet nec vulputate eget. Ora et labora, quamdiu In enim justo, sed tempus non bona fida percepit. Imperialis veneritatis maladia quod quad qualitate qua. Ergo non est differentiam. Quando momentum dada est? Nesciamus nullam dictum, quod felix sum cum pedes sanitorium ad mollis pretium. Integeritatis capitulatitur disciamus in casa nostra: cras dapibus, cras dopido. Vivamus elementum in vino vero, sed semper trans gender hospitalium esse. Vivat vulputate tellus in mundo serenitatis. Ex equo equestras caestralis que portibunt legala et ligula. Consequat vitae enim, non semper portabilis est. Pro patria morituri te salutant nonsensicalum est. Aliquam lorem ante dapibus, quem viverra fugiat ab ovo. Metus et cometus sollipsismus horibile et dubitabitur.. Quisque retro variabile non possibilium proscat. Tranquillitate in finis definitivum preforabilis, nam pauperi, nam potentatis.

(At eltsenien ynslept is klinkt der geklop út de lykkiste. Sytze en Sijke skrikke wekker en sjogge elkoar oan. Dan klinkt der wer geklop en de stim fan Sybrant Roorda, dy út de kiste liket te kommen)

ROORDA

Hallo..? Hallo..? Sytse? Sijke? Simke? Sytske? Sybren? Saapke?

(Sytse en Sijke stjitte de oare bern oan en hoeden geane se nei de kiste, rinne der omhinne en lústerje.)

SIJKE

Pake! Binne jo dat?

ROORDA

(holle stim) Net hielendal want ik bin kroandea!

SYTZE

Mar ik werken jo stim, pake.

ROORDA

(Efter it skildering ljochtet syn byltnis op) Myn geast is noch efkes by jim, leave pakesizzers. De rest sit al yn it fagefjoer. Ik ha in soad betelle, mar blykber dochs te min.

SIMKE

Ha jo in boadskip foar ús, pake?

ROORDA

Ik wie al bang dat jimme dat freegje soene.

SAAPKE Mar jo binne dea. Docht dat net sear?

SYBREN Hoe sjocht it der dêr út?

SIJKE Is der libben nei de dea?

SYTSKE Ha jo God ek sjoen?

SIMKE Ha jo beppe ek sjoen?

SYTSE En de himel? Binne dêr ingelen?

SYTSKE Ha se dêr wol wifi?

ROORDA

Berntsjes, berntsjes! Ik kin neat sizze. Ik ha swijplicht. It ienichste wat ik sizze kin is ...

PAKESIZZERS

Ja..? Ja..?

ROORDA

.. dat it tichterby is dan jo tinke. *(Teloarstelling by de bern.)* En dat it net sa folle om 'e hakken hat.

SIMKE

Mar wêrom ha jo ús dan roppen pake?

SIJKE

Faaks wol pake ús fertelle wat de sin fan it libben is.

ROORDA

Ik wie al bang dat dat de folgende fraach wie.

SAAPKE Of wat de sin fan **jo** libben wie?

SYBREN Of wat it ferskil is tusken goed en kwea?

SYTSKE Is omke Jurriën goed en omke Goffe kwea?

SIMKE Of oarsom?

SYTSE En wat is it geheim fan dat kistke wêr't ús omkes spul om krigen?

ROORDA

Berntsjes, berntsjes. Ik wit net wat de sin fan it libben is. As lokkich bist fregest dy dat net ôf. En as net lokkich bist, dan wist it net. De sin fan it libben is in geheim, dat ferskûle sit yn de dingen dy't je dogge. Je sjogge der allinne mar in glimp fan, sa no en dan, as je der

hast al oan foarby rûn binne. Om it geheim te befetsjen moatte je hieltyd stil stean en troch gean, tinke en dwaan, bidde en wurkje – en dan, ynienen, dan sjochst it samar. Ik kin jim net fertelle wat de sin fan it libben is, of wat goed en kwea is. Dat sille jim sels útfine moatte. Mar dêr meie jim myn libben wol foar brûke. Faaks sit dêr wat tusken wêrfan jim tinke: ik snap it wol, mar ik hie it hiel oars dien.

SYTZE

Mar hoe moatte we dat dan dwaan, pake?

SIJKE

Sit it geheim net yn dat kistke? Meie wy it iepen meitsje?

(Sy giet op it testamint-kistke ôf, mar de notaris omklammet it stevich yn syn sliep.)

ROORDA

Dat kistje is foar jim net sa wichtich. Myn soannen tinken dat harren takomst dêrfan ôf hinget. Mar dêr komme se noch wol efter. Oardiel net te hurd oer harren. De iene is in goed minsk dy't ek minne dingen docht. En de oar is in minne-ien, dy ek goede dingen docht. Swart/wyt bestiet allinne op papier. En as snobbersguod.

SYTSKE

Mar wat moatte wy dan dwaan, pake?

ROORDA

Jim moatte op paad mei jim eigen kistkes. Sjogge jim dat doek op myn kist? Lûk it der mar ôf.

(De bern helje foarsichtich it swarte kleed fan de lykkiste. Oan alle kanten fan de kist sitten lytse grepen yn boud foar klepjes, doarkes en laadsjes.)

Meitsje de doarkes mar ris iepen.

(Ut trije doarkes komme trije houten kofferkes, elk mei ien fan de trije kleuren fan de groepen. Oeremis iepenje de bern de trije kofferkes, twa per koffer.)

SYTSKE

Hy is leech!

SYBRAND

Hoe kin dit no?

SIMKE

Der sit neat yn.

ROORDA

Fansels! Tinke jim dat jim alles fergees krije yn it libben? Jim moatte him sels folje mei wat jim ûnderweis ûnderfine. Mar ik kin jim noch wol in hint jaan. Iepenje de oare fakjes mar.

(De bern iepenje de oare fakjes, laadsjes en helje dêr alle soarten fan foarwerpen út dy te krijen ha mei de sênes dy't se letter meimeitsje – fan elts tafriël trije. Se kwetterje as fûgels en ferdiele de foarwerpen oer de kofferkes.)

Ik noegje jim út by it ôfskie fan myn famylje, by it besyk oan de keizer mei myn freon Martena, by de fjildslach mei Grutte Pier, by de brulloft fan myn dochter Ymck en ta beslút by de doop fan myn earste pakesizzer. Sjoch of jim it geheim fan it libben trappearje kinne en nim it dan mei yn dyn eigen kistke. En no gjin babbelegûchjes mear. Op paad! En tink der om: stilstean èn trochgean – tinke èn dwaan – bidde èn wurkje.

(De bern binne al hast fuort as Roorda se werom ropt)

Berntsjes! Pakesizzers! In reis lyk as dizze meitsje je nea allinne. Noegje sa folle mooglik oaren út, famylje, freonen, kunden en folsleine ûnbekenden. Farwol !

(syn stal ferdwynt.)

PAKESIZZERS

(toanen harren kleuren) Wa wol mei ús mei? Wa mei ús? Kom mar, we gean! We gean!

(It publyk stiet op en de groepen foarmje sich rûn de bernsbern. De mistsjinner wurdt wekker en stjit de pastoar oan dy't noch hieltiten oan it preuvelje is.)

LIEVENS

... et vita brevis, ars long est in speculaas, speculorum. Amen! Beminde leauwigen, mei ik jim fersykje de tsjerke te ferlitten? Wy wollen de ferstoarne yn besletten kring nei syn lêste rêstplak bringe. O, jim binne al hast fuort. Moai sa.

HARMENSZ

En as jim nei de kofje werom komme kinne jo de grêfstien fan Sybrant Roorda hjir besjen.

HEILBOT

(tsjin pastoar.) Jo kinne dy minske doch net sa mar gean litte sûnder fatsoenlik dei te sizzen? Kom, ik lit dy sjen hoe wy dat dogge.

(Dûmny kringt sich mei de pastoar nei de útgong en bûten by de doar winskje se de minsken in goeie reis ta.)

* * *

ÔFSKIED

as

'Lytse Wrâld, Grutte Wrâld'

Personaazjes:

Keimpo fan Martena	ealman
Kevin	betsjinner fan Martena, ûng. 24 jier
Sybrant Roorda	
Haringh Roorda	syn frou
Ymck	dochter, ûng. 18 jier
Jurriën	soan, ûng. 15 jier
Here	soan, ûng. 10 jier
Anna	de faam
Fierder:	two gidsen, bernsbern fan Sybrant Roorda

(De gidsen liede it publyk fan de tsjerke nei de sn. Sate fan Sybrant Roorda. Foardat se fuortgean krije se holdeksels, hesjes ensafuorthinne útdielt, sadat se lykje op 16^e ieuske boerefeinten út Spannum. Underweis wurdt harren ferteld dat it in feestdei is, want Jurriën, de âldste soan fan Sybrant Roorda is hjoed jierdei en sy meie him tasjonge. At sy by de foartún fan it hûs oankomme heare sy feestwille en hoera gerop út de efertún kommen. Op dat selde momint komt der hastich in ealman te hynder oan fjouwerjen, in eintsje dêr efter komt in jongeman op in pony oansetten. It is goed te sjen dat de jonge net went is op in hynder te riden, dêrby klampet hy him krampachtich fêst oan in kistke ûnder syn earm.)

MARTENA

(tsjin publyk)

Sis, jimme dêr, boerepryngels. Kin ien my ek fertelle wêr't de rju eale hear Sybrant Goffes Roorda wennet? Ik bin hjir toch yn it doarp Spannum is 't sa net?

(De gidsen antwurdzje befêstigjend en wize nei it hûs.)

Tank. Wolle jimme salang op myn hynder pasje? Jou him mar wat wetter en hjouwer, dat hat hy wol fertsjinne. En boarstelje him ek mar efkes ja? Wy komme hielendal fan Koarnjum en binne ûnderweis nei in tige wichtige missy yn Dútslân.

(Wylst is ek syn jonge bestjinner oankommen. Hy lit him mei muoite fan syn lytse hynder glydzje en befieft kreunjend syn efterwurk. Yn tsjinstelling ta Martena is hy modern klaaid: kapotte spikerbroek, T-shirt fan S.C. Heerenveen ofsa.)

Sjoch ris oan. Gijsje Goochem is der ek einliks. Wat bisto no fan in weardeleaze bestjinner? Do kinst net iens behoarlik hynsteride. Datst te stom bist om te lêzen en te skriuwen is noch dêr oant ta, mar do kinst toch wol op in knol sitte? Hoe bin ik ea oan sa'n flapdrol kommen? Moast ris sjen hoe ast dr út sjochst? Dat liket toch nearne nei. En dêr moat ik dan mei nei de keizer! Leave santjin, mei sa'n sûch helje ik Arnhem oan de Rijn net iens.

KEVIN

Ik kin wol lêze en skriuwe, menear. Ik kin sels tsienfingerich blyn tikke.

MARTENA

Menear? Master foar dy. Tsienfingerich blyn tikke? Wat eamelest no allegearre? Blyn en getikt, dat leau ik daliks. Mar lêze en skriuwe? Dat kinne allinne mar minsken fan goeie komôf.

KEVIN

Ik ha sels jo boek lêzen, menear Martena. No ja, de titel. En oer it boek.

MARTENA

Wat? Dat is strang geheim oant de Staten fan Fryslân it goedkard ha. Gjiniën hat it noch sjoen.

KEVIN

Ik moast it fan jo sels yn in kistke dwaan. En dat kistke wer yn in oar kistke. En dat kistke wer yn in oare kist. (*tsjin publyk*). Wêrom dat yn trije kistkes moast dat is ien fan de riedsels fan de skiednis dy't nea oplost binne.

MARTENA

Hoe hjit it dan?

KEVIN

It Annaal as Lant-boek. En it beskriuwt alle wichtige Friezen fan de lêste hûndert jier, ynklusyf jo omke Hessel fan Martena, de Skieringer, dy't it mei Grutte Pier oan 'e stok krige.

MARTENA

Hm. Miskien bisto toch net sa'n ûnwittende boer sa as dizze lju hjirre. Wat hast dien foar oplieding, Kevin? (*tsjin publyk*) Kevin, hjit-er, leave santjin!

KEVIN

Earste jiers skiednis yn Grins menear. Jo lykje trouwens in soad op ien fan myn dosinten menear.

MARTENA.

Master.

KEVIN

Master.

MARTENA

Skiednis? soa! Moai, moai, moai. Dan trefst it mar datst by in histoarikus, diplomaat en lid fan de Rie fan Fryslân yn tsjinst bist. Dêr kinst noch wat fan opstekke. Spitich dat ik dy net mei nimme kin nei de Keizer. Mar no moast as de bliksem oanbelle. Ik bin hastich.
(*Hy jout him in traap ûnder de kont. Kevin bellet oan. Mei it publyk stiet men foar de doar te wachtsjen.*)

MARTENA

Kevin. Wa hjit der no fan Kevin?

KEVIN

Sis menear. Master. Oer dat Annaal. Dat is toch einliks, sis mar it tsjinoersteld, as it omkearde, as... hoe sis je dat, fan .. eh, fan faginaal? As gean ik no te fier?

MARTENA

(*jout him in feech om 'e earen*)

Dat is mei ién 'n', do grutte omkoal. Do hast toch wol Latyn hân asto lêze kinst? Annalen mei dûbel 'n' betsjut 'de jierren', in jierboek. Do moast wol in bytsje om dyn wurden tinke maat! Foar datst it witst hingest foar sodomy oan in galge te dangeljen by de Blokhúspoarte yn Ljouwert.

(Om 'e hoeke fan it hûs ferskynt de hear fan it hûs.)

ROORDA

Wat hear ik no? Wat hear ik no? Myn bêste freon Keimpo fan Martena! *(hy omearmet him hertlik en túttet him op beide wangen.)*

KEVIN

Sodomy?

ROORDA

Wat in feest. Hielendal út Koarnjum! En dat spesjaal foar de jierdei fan myn âldste soan Jurriën. Wat sjarmant!

MARTENA

No, earlik sein... Ik ha in tige wichtige missy. En ik woe dy freegje...

ROORDA

En do hast sels oan in kado tocht! *(pakt it kistke fan Kevin ôf)* Wat fermaaklik, wat in aardichheid.

MARTENA

(pakt it kistke werom.)

Nim my net kwea ôf, bêste Sybrant. Mar dit is it net. Dit is myn magnum opus. Steatsgeheim.

ROORDA

Dyn boek? Yn opdracht fan de Steaten fan Fryslân. Einliks en te lêsten ôf! Dat mei yn 'e krante.

KEVIN

Se hiene doe hielendal noch gjin kranten.

ROORDA

Wol jammer foar Jurriën, fansels.

MARTENA

Kevin hjir hat in aardichheidsje foar dyn soan meinommen. Is it net sa Kevin?

ROORDA

Kef – ?

KEVIN

Ik?

MARTENA

-vin. Myn nije feint. Ymport Frysk. Fandêr. Mar noch efkes oer myn fersyk, bêste Sybrant...

(Kevin siket yn syn bûse. Hellet der in mobyltsje út. Mar stoppet it stikem toch werom.)

ROORDA

Kom earst efkes mei. Wy kinne hjir dochs net by de foardoar praten bliuwe. *(tsjin publyk)*
En jimme komme seker wat sjongen foar Jurriën? Wat alderaardichst. Leave minsken, dizze kant op. Der is foar eltsenien in pûle bier en in hearlik stikje droege bôle. Mei ik jo foargean, wearde freon?

(Roorda nimt syn freon Martena mei nei de eftertún, folge troch Kevin en it publyk. Yn de tún efter it hûs stean skraagtafels mei bier en skalen mei hompe hurde bôle. Op in lyts mei blommen fersierd poadium wurdt in blyndoeke Jurriën rûn draaid troch syn sus Ymck en broerke Here. Syn mem Haringh klapt yn har hannen. De faam Anna komt oanrinnen mei in tinnen kanne en kroesen mei wyn op in blêd. Eltsenien sjongt wylst Jurriën rûn draaid wurdt.)

ROORDA

Jonges, sjoch ris wa hjir is? Omke Keimpo! Hielendal út Koarnjum.

HERE, YMCK en HARINGH

Omke Keimpo! Omke Keimpo! Wat leuk! Hoera!

(Eltsenien, op Anna nei, komt op de gasten ôfrinnen. De jierige Jurriën rint fuortendaliks tsjin in peal op en docht him sear. Eltsenien laket. Syn mem ropt ach en wee en docht syn blyndoek ôf.)

YMCK

Wy boartsje ferstoppersje, omke Keimpo. Dogge jo mei?

MARTENA

Ik bin op in wichtige missy. Ik kom einliks foar jim heit. Wy moatte...

HARINGH

Mar hear Martena, jo binne altyd op in wichtige missy. No binne jo hjir, by ús. Yn dizze prachtige tún. Wy binne hjir en no efkes de lokkigste famylje fan Fryslân. Us Jurriën is jierdei. Myn leave man is thús. Myn bern binne sún. It hôf stiet yn 'e bloei. En sjoch: hiel Spannum is kommen om ús soan ta te sjongen. Wolkom, leave doarpsgenoaten. *(tsjin Martena)* Bliuw noch efkes by ús. Genietsje mei ús mei. No laket it libben ús ta, moarn kin it foarby wêze. Lit de grutte boaze wrâld dêr bûten mar efkes wachtsje. Bliuw noch efkes by ús, yn ús lytse wrâld.

ROORDA

Ha ik net de moaiste, de leafste en de meast ferstannige frou dy 't dr op de ierde te finen is? *(túttet har)*

HERE

Argh! Harrejakkes!

JURRIËN

Omke Keimpo is blineman!

HERE

Ja! Omke Keimpo is blineman! Omke Keimpo is blineman! Omke Keimpo is blineman!

ROORDA

Leave bern, ik bin bliid dat jimme ús hege gast wolkom hjitte, mar we meie toch ek net ús Spannumers ferjitte. Sille we earst eefkes nei harren lústerje? Dan kinne sy dêrnei wer gear.

MARTENA

Kevin, set dat lânfolk ris op in rige.

(Kevin set de taskôgers as in koar del en giet foar se stean as in dirigint.)

KEVIN

Ik wit it ek net, hjir minsken. Doch mar gewoan mei. Sille wy 'Er is er een jarig..'??

TASKÔGERS

(sjonge) Er is er een jarig, hoera, hoera. Dat kun je wel zien dat is hij...
En daarom zingen wij blij –

MARTENA

(applaudisearret) Tige tank, minsken fan Spannum. Moai ynstudearre.

(Anna, Ymck en Here geane rûn mei bier en bôle)

JURRIËN

Wat leuk, dat kin ik net. En wa is dy rare man derfoar, heit?

HARINGH

Jurriën! Gedraach dy.

ROORDA

In bytsje frjemd sjocht hy der wol út, ja. Hoe komsto oan dy feint, Keimpo?

MARTENA

Ik wie de brief fan de State mei myn nije opdracht oan it lêzen, Sybrant, ús opdracht. En ik tocht oan de gefolgen foar de takomst – en doe yniens.. Ik seach op en dêr stie hy. Fertel ris Kevin, wêr komst wei?

YMCK, JURRIËN, HERE

Kevin!?

KEVIN

Ik siet te lêzen yn de biblioteek fan Tresoar yn Ljouwert menear, eh master...

YMCK, JURRIËN, HERE

Tresoar?

ROORDA

Dat betsjut skat. Sa as yn dit kistke.

KEVIN

Ja krekt. Ik wie yn it Lantboek of de Annalen fan de trochloftige ealman Keimpo fan Martena oan it lêzen. Sis mar it earste echte skiednisboek fan Fryslân.

ALLEN

O? Ja? wier?

(Martena nimt mei in bûginkje it earbetoan yn ûntfangst.)

KEVIN

Mar inkele passazjes – nim my net kwea ôf menear, master! – wiene dochs wol in bytsje saai. Dus doe foel ik yn sliep boppe it boek. As earlik sein yn it boek ...

MARTENA

Saai!?

ROORDA

Of hy waard der krekt tige troch fêsthâlden Keimpo. Jo boek is in skat, wearde freon. In skat dy 't it ferline bewarret en it iuwen letter oan de minsken iepenbieret.

YMCK

Oer fiifhûndert jier komme de minsken werom op dit plak. En dan tinke se: hjir barde it, yn dit hôf.

JURRIËN

Hjir wie de jierdei fan Jurriën Roorda!

HERE

En hjir boarten se blineman!

MARTENA

No, sa detailleard is it no ek wer net. It giet mear oer wat dyn mem 'de grutte wrâld' neamt. En fanwege dy grutte wrâld, bêste Sybrant –

HERE

Mei Kevin meidwaan mei blineman, heit? Miskien kin hy de takomst foarsizze.

HARINGH

Here, lit omke Keimpo útprate.

ROORDA

(tsjin Martena) Hjir yn Spannum ha wy ús eigen foarm fan Blineman. De Blineman moat net allinne de namme riede fan wa 't hy tikt, mar ek syn takomst foarsizze. Jo dogge dochs wol efkes mei, foar de geselligens?

MARTENA

Bêste freon, leave frou, hoe noflik en waarm en plezierich it hjir ek is yn de skoat fan dizze famylje en yn dit leaflik oard, mar ik moat dy op 'e hichte bringe fan in wichtige opdracht.

ROORDA

Do kinst altyd op my rekkenje, Keimpo. Dat wist. Mar lit ús noch efkes ién spultsje boartsje. It libben is in spul, de earnst komt fansels. Dêrnei doch ik watsto my fregest. Ik sis it dy ta.

YMCK, JURRIËN, HERE

Kevin, blineman! Kevin, blineman! Kevin, blineman!

MARTENA

No foarút. Kevin, do bist him.

(Kevin wurdt blyndoekt en rûn draaid. Dêrnei foarmje de oaren in kring om him hinne; se rikke elkoar de hân en rinne yn it rûn. Anna docht ek mei.)

ALLEN

Blineman, blineman
sis my wa ik bin
sis my hoe ik hjit
sis my wêr ik gean.
Wêr fyn ik leafde
en wêr stuit ik op leed?

(Se litte elkoar los en sykje in plak yn 'e tún. Kevin begjint op 'e taast te rinnen. Sa no en dan mijdt ien him. De bern gibelje. Op in stuit stjit Kevin op Roorda. Foarsichtich befielt hy it gesicht en hâld dan syn hannen foar syn eagen.)

KEVIN

Jo binne Sybrant Goffes Roorda. Net de grutste fan alle Roorda's, mar ek net de lytste. Mar eat lyts dat jo dogge kin grutte gefolgen ha.

HERE

Wat dan? Wat dan?

ALLEN

Ssst!

KEVIN

Jo sille de man moetsje dy't keizer is fan it Hillige Roomske Ryk, kening fan Spanje en Hear fan Nederlân.

JURRIËN

Karel de Fiifde??

KEVIN

Yn wa syn ryk de sinne nea ûndergiet.

MARTENA

Leuk hear Kevin, mar dat ha ik dy al ferteld. Dat is gjin foarsizzing.

HARINGH

Dus dat is dyn missy?

KEVIN

Troch trije lyts kistkes, silsto de man in beskerming nimme dy út it âlde Lieuwe in nij Lieuwe sticht. En troch dat nije geloof, ûntstiet nije heap. Mar ek oarloch, tachtich jier lang. Fryslân fiert mei de oare Leech Lânnen oarloch tsjin Karel syn soan. It lân wurdt yn twaen opdield. En dat is noch net alles. De striid tusken it nije en it âlde geloof fersplinteret heal Europa dat hast ien wie ûnder Karel. Keningen fjochtsje mei keningen, soldaten mei soldaten. En tritich jier lang wurdt it midden fan Europa yn brân set en leech plundert, wurde boargers fermoarde en froulju ferkrêfte en wurdt it lân drinzje yn bloed.

HERE

No fyn ik it net leuk mear, mem.

MARTENA

Kevin, hâld fuortendaliks op mei dat gejeuzel!

(Kevin hellet syn hannen foar Roorda's eagen wei. Dy sjocht ferbjustere nei syn frou en sy nei him.)

Ik tocht datsto in skiedniskundige wiest, krekt as ik. Wy ha krekt in boargeroarloch efter de rêch. De Skieringers tsjin de Fetkeapers. De Hartoch fan Gelre, tsjin de Saksers. Mar dat is foarby. De Swarte Heap, Grutte Pier, plonderjende soldaten, dat ha wy efter ús litten. Under de troan fan Karel wurden wy ién. Wy learen fan de skiednis, sadat dy sich NET herhelje sil. Dêrom ha ik myn boek skreaun. En dêrom gean Sybrant Roorda en Keimpo fan Martena as ôfgesanten fan de State fan Fryslân nei de Ryksdei yn Worms.

HARINGH en ROORDA

Worms?

KEVIN

(docht blyndoek ôf) Der komt ek wol wer frede. Mar ek wer nije oarloggen. Noch folle, folle gruttere.

HERE

Ik fyn it net leuk mear, mem.

ROORDA

Stil mar jonkje. Heit sil soargje dat der gjin oarloch mear komt. Ik gean mei Martena mei nei de Ryksdei yn Worms, nei de keizer fan it Dútske Ryk. Wy sille der foar soargje dat der gjin oarloch mear komt tusken de minsken dy't sizze dat sy deselde God oanbidde. Dat kin dochs net.

HERE

En komt heit dan werom?

ROORDA

En dan komt heit werom nei de lytse, grutte wrâld fan Here.

HERE

De grutte wrâld fan Here?

ROORDA

Ja. Want yn dy wrâld is mem. En Ymck. En Jurriën. En Anna. Alle minsken wêrsto en ik fan hâlde. En hjir is it moaiste appelhûf fan Spannum. Hjir binne alle Spannumers ûnder ien útspansel. Grutter kin de wrâld dochs net wêze?

HARINGH

Mar sûnder dy is dy wrâld net kompleet, leave Sybrant.

ROORDA

Ik wenje yn dyn hert, leafste. Dus wêr moat ik oars hinne? *(hy túttet har)*

HERE

Argh! Harrekrammele.

MARTENA

Moai, moai. Miskien moat ik foar my sels ek marris in frou oanskaffe. Dan ha je wat om foar thús te kommen Mar we moatte no echt gean Sybrant. De keizer wachtet. Worms wachtet.

JURRIËN

De boat leit klear heit.

MARTENA

Kevin, pak it kistke mei de Annalen en bring myn skat nei Tresoar yn Ljouwert. En ast de lêste bledside út hast wurd dan asjeblyft wer wekker.

KEVIN

Jawol menear. Master.

MARTENA

(jout him in munt) En keapje in fatsoenlike broek, man.

ROORDA

Leave bern pas goed op jim mem. Leave Anna pas goed op it hûs. Leave frou pas goed op my, dan bin ik oer trije moannen sûn en wol werom. Farwol!

(Roorda en Martena farre fuort yn in boatsje. It publyk faart yn inkele oare boatsjes efter harren oan.)

* * *

RYKSDEI YN WORMS

as

'Wa hat de wierheid?'

Personaazjes:

Sybrant Roorda

Keimpo fan Martena

Keizer Karel V

Viglius fan Aytta

Nuntius Aleander Fontanelli

Generaal Eisenbrodt zu Felsenfresser

Simon Rodrigues,

Maarten Luther

Karel Blomberg,

Barbara Blomberg,

Karel de Vijver

Twa wachters

riedjouwer fan Karel V

ôffeardige fan de Paus

ôffeardige fan de Sultan

ôffeardige fan Antwerpen

poartewachter

dochter fan poartewachter, 18 jier

in toerist

mei trompetten.

Fierder:

twâ gidsen, bernsbarn fan Sybrant Roorda -
hjiir tsjinnern fan Aytta.

(De gearkomsteseal fan de Ryksdei yn Worms. Tsjin de efterwand stiet op in ferheging de sit fan de keizer mei dêrboppe it wapen fan de Habsburgers: 'Plus Ultra' ('Hielyd Fierder'). Dêr tsjinoer in Midsieuske tagongspoarte, flankeart troch twa wachters mei trompetten. Wylst de taskôgers harren plakken ynnimme flústerje de dielnimmers sêft en wichtich mei elkoar. It binne op Roorda en Martena nei, nuntius Fontanelli, generaal Eisenbrodt, en signeur Rodrigues. Viglius van Aytta sit oan in skriuwftafeltsje.)

MARTENA

Ik bin bang dat wy net in hiel soad berikke Sybrant. De keizer hat fierstente folle oan syn holle en hat boppedat oanhâldend jildpine.

ROORDA

Wy kinne op syn minst prebearje om in goede yndruk efter te litten.

(As it publyk sit ferskynt poartewachter Wolfgang Blomberg, syn dochter bliuwt yn de doariepening stean. Hy mûskoppet mei Aytta en giet dan wer hastich ôf.)

AYTTA

Myne hearen! De Ryksdei stiet op it punt fan begjinnen. Mei ik jo fersykje jo plakken yn te nimmen. Keizer Karel is yn oantocht!

(De hearen nimme harren plak yn. De wachters jouwe in koart klaroensinjaal. Eltsenien sjocht tige oandachtich nei de poarte, mar it bliuwt stil. Dan heare we earst sêft, de lallende stim fan Karel de Vijver (dy sjongt yn it hollânsk). As hy ferskynt sjogge we in sjongende toerist yn koarte broek, kamera op 'e búk, in reisgids yn de iene hân en in Dútske pul bier yn de oare.)

DE VIJVER

Ja zo'n reisje langs de rijn rijn rijn.
s' avonds in de maneschijn schijn schijn.
met een lekker potje bier bier bier.
aan de sfeer sfeer sfeer.
op de rivier vier vier.
Ja zo'n reisje met een nieuwerwetse schuit schuit schuit.
allemaal in de kajuit juit juit.
tis zo deftig is zo fijn fijn fijn
ja zo'n reisje langs de rijn.

(Syn stim ferstomt as einliks ta him trochkringt wêryn hy terjochte kommen is. De eal mannen sjogge him ferbjistere oan.)

AYTTA

Blomberg! *(komt deroan strûzen)* Wat is dit?

BLOMBERG

Hy sei dat hy Karel de Vijfde hjitte. Ik fûn it al frjemd.

DE VIJVER

Karel de Vijver! Jo witte wol fan plons-plons, kwak-kwak en sa'n fontein.
(*Hy flybket in striel bier omheech*).

AYTTA

Wat komme jo hjir yn 'e frede dwaan? Wa ferstjinwurdigje jo?

DE VIJVER

Ik bin ferstjinwurdiger yn sjongsied! Jo witte wol (*hy fluit*) Mar no efkes net. Ik bin op fakânsje, mar ik ha de boat mist. Dus die sakje no sûnder my de Rijn ôf.....as op. Ha ha. No, dan nim ik der noch mar ien, tocht ik sa. Lês ik yn myn reisgidske oer de Ryksdei yn Worms. En hy sei dat dat hjir wie. Hjoed! Moaie dochter trouwens.

BLOMBERG

Sûnt ús keizer ek kening fan Spanje is, yn in ryk wêr, hoe sizze se dat..?

ALLEN

'De sinne nea ûnder giet!'

BLOMBERG

Ja. – ferskine hjir fan fier en hein de meast frjemde types.

(*De wachters jouwe wer in klaroensinjaal*)

MARTENA

Hear fan Aytta. Ik tink dat it hjir om in lânsman fan ús giet. Lit him dêr mar tasjen, dan nim ik him letter mei.

AYTTA

Goed dan. (*De Vijver en Blomberg geane yn in hoekje stean.*) Myne hearen, gean stean foar Karel fan Habsburg, by de graasje Gods keizer fan it Hillige Roomske Ryk, Kening fan Spanje, en ek fan Súd-Itaalje, fan Eastlik Indië en Westlik Indië - dat letter sa nedich Noard- en Súd Amearika hjitte moast - foarst Aartshartoch fan de Eastenrykse erflânnen, Hartoch fan Bourgondië, Hear fan Brabân, Lotharingen, Luxemburch, Limburch, Gelderlân, Henegouwen, Hollân, Zeelân, Drinte, Fryslân, Tripoli, Zutphen, Tirol – (*keart syn papier om*). En...sa fierder, ensafierder.

DE VIJVER

Hoe komt hy dêr allegearre oan?

BLOMBERG

Dat hat der beërft doe't hy fiif wie. De Nederlânnen en Bourgondië fan syn heit. Spanje fan syn mem. Keizer fan it Dútske Ryk fan de heit fan syn heit. En Amearika hat Kolumbus ûntdutsen foar de mem fan syn mem.

DE VIJVER

It liket de lotterij wol. Guon lju winne alles en ik krij nea wat.

ROORDA

It is mar de fraach hoe lokkich je dêr mei wêze moatte. Stil no, dêr silst him ha.

(Wilens is Karel V sichtber wurden yn 'e doariepening. Hy fatsoenart noch wat oan syn broek, holpen troch Barbara. Dan trêddet hy keizerlik de seal yn. Karel is in jonge man fan 23, mei in enoarme kin, dy't ûndanks syn lillikheid toch gesach útstrielt. Hy beweegt stiif en sil yn it stik gau âlder wurde. Karel nimt plak op syn sitplak. Eltsenien knibbelt. Efter Karel is Barbara nei binnen slúpt en hat sich by har heit foegd.)

BLOMBERG

Barbara! Famke, wêr komsto wei?

BARBARA

(kloppet op har búk) In slimme meid is op har takomst foarbereid. Dizze skopt it noch ta generaal.

(Blomberg en De Vijver sjogge elkoar ferstuivere oan.)

KAREL

Heej njo mei fa my ek wo s tean tean.

(De hearen sjogge elkoar freegjend oan.)

AYTTA

Hearen, jo meie fan de keizer ek wol stean gean. *(eltsenien giet stean)* En sitte. *(eltsenien giet sitten.)*

DE VIJVER

Hat der in spraakgebrek?

BLOMBERG

Dat komt troch syn kin. Syn kin sit him dwers.

BARBARA

Mar fierder docht alles it prima.

BLOMBERG

Utsein dat-ie jicht hat.

BARBARA

Neat fan fernommen.

KAREL

Wastieter op 'e wuklst, Aytta?

AYTTA

Luther, Majesteit. Jo witte wol. De paus hat dizze ûnrêststoker al yn 'e ban dien, mar omdat hy sich foar jo ferantwurdsje mocht hat hy in frijbrief krigen.

KAREL
En fjirde?

AYTTA
Trije gesanten komme jo in presintsje oanbieden. Nammens de paus, nammens de Sultan yn Istanboel en nammens de stêd Antwerpen.

KAREL
Ah, Antwrpen. Einlks jild! Fjirde?

AYTTA
Twa lânsmannen fan my út Fryslân ha in fersyk foar Syn Majesteit.

KAREL
Da gji tuulyk wè jild kosten. *(sucht)* Lit'n we dêr ma mei begjin.

(Ayttta noeget Martena en Roorda út om foar de keizer te knibbeljen en harren wurdsje te dwaan.)

DE VIJVER
Ik tref it wol. Dat krekt hjoed de Ryksdei hâlden wurdt!

BLOMBERG
De Ryksdei is fan 27 jannewaris oant 18 maaie 1523.

DE VIJVER
Wêrom hjit it dan Ryks*dei*?

BARBARA
Omdat eltsenien **opdaagjen** komme moat foar Syn Heechheid.

MARTENA
Majesteit, nammens de Steaten bied ik, it yn jo opdracht en troch my skreaune Boek der Annalen fan Fryslân, oan. Wy hoopje dat it in nuttich ynstrumint wêze mei yn de fierdere sintralisaasje fan it bestjoer, sadat der in ein komt oan de ûnderlinge rûzje tusken Skieringers en Fetkeapers dy't ús lân hast twa hûndert jier lang ferskuord hat.

(Roorda oerlanget it kistke mei it boek oan Ayttta dy't it apart set.)

KAREL
Ja, ja. Tigebytige.

ROORDA

Hoewol de Steaten, neidat jo Fryslân fan de hartoch fan Saksen kocht ha, jo belied foar fjirdere yntegraasje yn de Nederlannen oant op sekere hichte fan herte steunen, ha sy lykwols muoite mei it útstellen fan bepaalde privileezjes en gebrûkken dy't by ús...

(Karel hat ûnderwilens wat yn Aytta's ear flústere en makket in gebear fan 'jo kinne gear'.)

AYTTA

Tank jo wol hearen. Jo hearre letter mear fan ús.

(Martena en Roorda meitsje in bûging en rinne nei harren plak. Sy flústerje.)

ROORDA

Ik wie krekt begongen...!

MARTENA

Sa wurket it hjirre. Miskien kinst letter noch in goede yndruk meitsje.

DE VIJVER

Sa. Dat is in drok baaske, die hast-namgenoat fan my.

BARBARA

Juster hat-er yn in heal oere besletten om wer in oarloch oan te gear, no tsjin Frankryk.

DE VIJVER

O. Wêrom dat dan?

BLOMBERG

Dat wolsto net witte.

(Wilens binne de trije gesanten foar Karel knibbele. Elts mei in identyk doaske yn 'e hannen.)

AYTTA

Heechheid, de nuntius fan Syn Heilichheid de paus, kardinaal Aleander Fontanelli.

FONTANELLI

Keizer Karel by de graasje Gods. Wy hoege it jo fansels net yn it ûnthâld te bringen wa it wie dy de keizerskroan op jo holle plante hat...-

DE VIJVER

Wa wie dat dan?

BARBARA

De paus fansels.

BLOMBERG

Ssst!

FONTANELLI

– en syn Hillichheid is alhiel oertsjûge fan jo ûnwrikbere trou oan de roamske memmetsjerke. It is dêrom dat hy de heap útsprekt dat de frybrief fan de hûn Luther, dy't it einliks net fertsjinnet om hjir sprekke te meien, troch jo ûngedien makke wurde sil wêrnei hy as ketter yn de geast fan ús hear Jezus Christus martele, fearne, ferhonge en oan it spit riuwt wurde sil. (*oerlanget it geskink*). Hjirby in teken fan trou oan it wiere leauwen.

DE VIJVER

No, no, no, no.

KAREL

Ik ha myn wurd jûn, kardinaal. Mar de tsjerke sil rjocht dien wurde. (*hat it doaske iepene*) In ring? Tank.

AYTTA

Generaal Eisenbrodt zu Felsenfresser, de oerwinner op de Turken yn de slach by Boeda en by (*slacht blêdside om*) Pest. .

EISENBRODT

Nammens de Sultan Süleyman de Ie mei ik jo dit geskink oan biede (*oerlanget it*). Nei de slach om Boeda binne wy in tydlike wapenstilstân oerien kommen. De Sultan wol in fredesferdrach, mar by Grikelân sammelt hy in nije float.

KAREL

Sis him dat wy syn geskink yn dank oannimme. En dat wy syn legers fan de Balkan en syn float út de Middellânske See toffelje sille, sa de âlders fan myn mem de Moaren út hiel Spanje ferdreaun ha.

DE VIJVER

No, no, no, no.

AYTTA

Nammens it stedsbestjoer fan Antwerpen, de hear Simon Rodrigues.

KAREL

In joad?

RODRIGUES

Mei de Islamityske Moaren ha jo pake en beppe ek de joaden út Spanje ferdreaun, majesteit. Mar yn de Nederlannen binne wy frij. En wêr earlike saken dien wurdt, dêr wurdt earlik jild fertsjinne. It stedsbestjoer fan Antwerpen wie ûnder de yndruk fan de eh.. litte we sizze, effektive wize wêrop jo de bestjoerders fan jo berteplak Gent sommeard ha harren bydrage te leverjen....

DE VIJVER

Hoe dan? Hoe dan?

(Blomberg makket in gebear: opknoopt!)

No, no, no, no.

RODRIGUES

Wy leverje dy fan ús dan ek mei de bêste bedoelingen. Dat de hannel yn frede floearje mei komme wy gjin jild freegjen, mar jild bringen. Jild dat jo sa hurd nedich ha om al die oarloppen te fieren. En in geskink om ek ús ferbûn te besegeljen.

KAREL

Hmm. Tank. Tank *(iepent it doaske)* Alwer in ring. Hmm. Tank.

ROORDA

(sêft tsjin Martena) Trije ringen.. – dêr wit ik noch wol in ferhaal oer ..

(Der klinke hammergeklûden oan de oare kant fan de tagongsdoar. Blomberg giet der hinne en docht de doar iepen. It is Luther dy't in plakkaat op de doar oan it spikerje is. 'Fuort mei de ôflaten hannel', lêze we. De gesanten ha wylst harren plak wer ynnommen.)

LUTHER

(Lûde stim) Hjir stean ik! Ik...

BLOMBERG

Kom der dochs yn. Jo wurde ferwachte.

LUTHER

(mei spikers yn syn mûle) Ik stean hjir..., mar ik kin net sa goe..

BLOMBERG

Ja, dat praat lêstich. Kom der dochs yn.

LUTHER

Goed, ik kom. Mar hjir stean ik. Ik lit my net yn de maling nimme.

(Luther jout hammer en spikers oan Blomberg en lit him nei foaren bringe. Aytta sommeart Luther mei in hângebear dat hy knibbelje moat.)

LUTHER

Ik knibbelje allinne foar God.

DE VIJVER

Dat is stellen! Dat sei.. hoe hjitte dy Fries?

AYTTA

Maarten Luther. Jo ha 99 stellingen op 'e tsjerkedoar fan Wittenberg spikere. Dêryn falle jo de hannel yn ôflaten oan en bewearre jo dat ôflaten ûnsin binne. Jo lûke de autoriteit fan

de paus en fan de tsjerke yn twivel. Jo fine dat preester trouwe meie en dat minsken sels de bibel lêze moatte. Lûk jo jo stellingen yn dan wurdt de ban fan de paus opheft. Sa net, dan sil de keizer jo fûgelfrij ferklearje.

LUTHER

Neat fan wat ik bewoard ha is yn striid mei de bibel.

KAREL

It skeelt net in soad as jo binne foar de homo's en de joaden.

LUTHER

(driftich) Fuort mei de homo's! Fuort mei de joaden! Au. *(hy grypt nei syn heup)*

DE VIJVER

No, no, no, no.

FONTANELLI

Us sûnden kinne ús krekt sa goed ferjûn wurden troch goed wurk te dwaan as troch te bidden. Jild jaan is ek in foarm fan goed dwaan. Wat jo hannel yn ôflaten neame is lyk oan doneare oan it goede doel. Jo kinne dat wol ôfdwaan as it ôfkeapjen fan skuldgefoel, mar as it oprjocht bard is der neat mis mei.

LUTHER

Wêr it omgiet is dat in minsk himself net ferlosse kin. Hja is as in bist dat beriden wurdt troch sawol god – as troch de duvel. Au. *(hy grypt nei syn heup.)* Leauwe is fertrouwe op him. Net troch bidden en net troch goed wurk kin in minsk himsels ferlosse. Allinne troch genede kinne wy rêden wurde. Ik ha it út de bibel. Mar jimme lêze allegearre in efterhelle, foute oersetting. Derom bin ik dwaande mei in nije. Au.

KAREL

Wat ha jo?

LUTHER

Ik ha lêst fan jicht.

KAREL

O, dat ha ik ek.

DE VIJVER

Ja, dêr fersuorje je fan.

KAREL

Jo binne professor yn de teology. Jo kinne de bibel fêst better as my. Ik kin de bibel foaral fan de ferhalen fan myn leave mem. Sy hâlde in soad fan myn heit, dy stoar doe't ik seis wie. Mar omdat hja mei syn lyk hiel Spanje rûn tûgen, ha se har op slúte moaten. Sûnt die tiid prebearje ik sa no en dan ek wol ris wat yn de bibel fan myn mem te lêzen, mar ik kom

der mar mei muoite troch hinne. Ik bin krekt by de sûndfloed. Jo witte wol hoe soks giet: drok, drok, drok. Sels jûns op myn hotelkeamer kom ik der net oan ta.

BARBARA

Nee, mar dan wolst dy ek efkes ûntspanne, netwier?

KAREL

Ik wol mar sizze: jo dogge fêst nuttich wurk troch foar ús de bibel te lêzen en oer te setten, mar wêr bliuwe wy as it gesach net mear earbiedigje wurdt? Ik sit hjir net foar myn eigen lol, mar omdat God my opdroegen hat de boel by inoar te hâlden. Sadat der gjin boargeroarloggen útbrekke en der in wet is dy foar eltsenien jildt.

AYTTA

Ik tink dat wy, letten op de aginda, oant in ôfrûning komme moatte, majesteit. Maarten Luther: lûke jo jo stellingen yn? Ja as nee? (*hy hat in skriuwfear yn 'e oanslach.*)

LUTHER

Ik kin myn stellingen net ynlûke as ik net troch bewizen út de Bibel en troch heldere, rasjonele arguminten oertsjûge wurdt. Want de útspraken fan de paus, as fan it konsily fan biskoppen op himsels, binne foar my net foldwaande. Fêst stiet ommers dat dy harren faak fersint as himself tsjinsprutsen hat. De wurden út it Hillige Skrift, dy't ik oanhelle ha, binne bepalend foar myn gewisse. Dêrom kin en wol ik neat ynlûke, omdat yngean tsjin it gewisse gjin wissichheid en gjin heil oplevert. God wês mei my, Amen.

AYTTA

(*sucht en noteart*) Sil ik dêr dan mar fan meitsje: 'Hjir stean ik, ik kin net oars'?

KAREL

Ik kin kwealik oars as de ryksban oer jo útsprekke as jo dy stellingen net ynlûke.

(*Roorda rint nei foaren.*)

ROORDA

Majesteit, achte oanwêzigen. Nim my net kwea ôf dat ik it wurd ta jo rjochtsje. Faaks is der tochin oplossing. Us keizer bestjoert in ymmins ryk wêr wit hoe folle folken wenje en dat fan binnen en fan bûten bedrige wurdt troch wit hoe folle gefaren. In soad binne, krekt as jim hjir, op syk nei de wierheid, en wa mient die wierheid fûn te hawwen, sil die ferdigenje mei al wat hy hat.

KAREL

Wat is dan jo oplossing?

ROORDA

Stean my ta dat ik jo dêrfoar in ferhaal fertel.

Der wie ris in kening yn in âld ryk wêr it westen oan it easten grinsde en it noarden it suden moete. Fan syn âldfaars hie dizze foarst in ring krigen dy't in magyske krêft hie. Salang hy him droech soe syn folk trou wêze oan him en hy oan syn folk. De ring stie foar

trou oan de wierheid, trou oan de leafde en trou oan it leauwen yn de takomst. Miskien krekt as dizze ringen. *(Hy pakt al pratend de ringen fan de gesanten en docht se yn in doaske)* De ring wie generaasjes lang oergongen fan heit op soan, mar dizze kening hie trije soannen. Hy naam it beslút om der twa ringen by meitsje te litten dy't eksakt itselde wiene. Op syn stjêrdei joech hy eltse soan in ring, mar watfoar ring de oarspronklike wie wist hy net mear. Doe de soannen de folgjende dei ûntdutsen dat der trije ringen wiene, makken se in fûleindige rûzje mei elkoar. *(Hy iepent it doaske)* Krekt sa as wy no ek net mear witte watfoar ring fan de paus, fan de sultan as fan de joad is miende ek doe dat eltse soan de wiere ring hie en dat de oare ringen falsk wiene. Uteinlik waarden se sa boas op elkoar dat se it beslút namen om sa fier mooglik by elkoar wei te gean sadat se neat mear mei elkoar te meitsjen hiene. 'Hieltyd Fierder', sa as it motto fan de Habsburgers is. Se trouden alle trije in keningsdochter yn it bûtenlân. Mar doe't se harren froulju oer harren goede heit en oer de ringen fertelden seine de froulju alle trije tsjin harren man: mar asto de wiere ring hast, hoe kinsto dan rûzje meitsje mei dyn bruorren? Mar it wie al te let: se koene elkoar net mear werom fine. Al wat se dwaan koene is prebearje om mei harren ring krekt sa goede foarst te wêzen as harren heit. De ienige wiere ring wie net mear te efterheljen, mar siet yn harren eigen hert. Dat wie it ferbûn dat se hiene mei harren eigen folk en mei God. It wie harren plicht om krekt sa trou de wierheid sykjen te bliuwen sa as harren heit en âldfaars dien hiene.

AYTTA

(Fear yn de oanslach.) Mar wat is no de oplossing?

RODRIGUES

Dat is toch dúdlik. De wierheid is net eat dat jo yn besit ha, mar dat jo allinne mar sykje kinne.

FONTANELLI

Unsin! Wa it wiere leauwen besit sjocht de wierheid dúdlik foar him.

EISENBRODT

Ik bin bang dat de sultan der ek sa oer tinkt.

LUTHER

Je moatte wol in joad wêze om sa'n ferhaal moai te finen. Mei myn wierheid falt net te marsjandearje. Wa de Bibel goed lêst wit dat ik gelyk ha.

KAREL

Spitich Roorda. As elkenien hjir fan miening is dat de oar de wierheid net besit, ha ik gjin oare kar dan it gesach te hanthavenjen en trou te bliuwen oan de tsjerke fan myn mem. Maarten Luther, ik ferklearje jo fûgelfrij. Jo meie wat my oangiet gean, mar eltse graaf as hartoch hat it rjocht jo op te pakken en terjochte te stellen.

(Luther ferlit it fertrek. Blomberg hâldt de doar foar him iepen.)

AYTTA

Hearen, de sitting is hjirby ôfrûn!

(Eltsenien giet stean en makket in bûging. De no âld wurden Karel komt muoisum oerein en rint de seal út. By de doar wurdt hy opwachte troch Barbara en De Vijver. De Vijver nimt gau in selfie fan him en in ferstuivere Karel. Hâldt dan syn hân omheech, wêr Karel syn hân tsjin oan drukt.)

DE VIJVER

(efter syn rêch om tsjin it publyk.) Hy joech my in high-five! De Vijver hat high-fived mei Karel Vijf!!

(Barbara nimt Karel oan de earm mei nei bûten. As hy ôf is heare wy him noch sizzen:)

KAREL

Wa is dy fint?

(De ealmannen ferlitte de riedsseal.)

ROORDA

Jammer. Miskien kaam myn ferhaal te betiid. No wie ik allinne tsjûge fan it momint wêrop de wrâldskiednis kantelde.

MARTENA

Dit is it begjin fan in hiel soad nije oarloggen, bin ik bang.

(De gidsen pakke de efterlitten ringen op en dogge die in harren doaske. Dêrnei nimme se it publyk mei nei de folgjende lokaasje.)

* * *

DE SLACH OM SPANNUM

Personaazjes:

Sybrant Roorda

Wytze Ferslachjouwer 1

Wybe Ferslachjouwer 2

Skiedsrjochter

Boer

Donia

Grutte Pier (Gerlofs)

Liauckema

Harinxma Fryske ealju

Donia

Burmania, ensfh.
soldaten (tagelyk mûntsen)

ehbo'ers

Fierder: twa gidsen, bernsbern fan Sybrant Roorda

(Op 'e Pôle midden yn Spannum wurdt it publyk ferdield oer twa tribunes, dy't yn in V-foarm opsteld binne. Middenefters is op in lytse ferheging it hokje fan de twa ferslachjouwers en dêrûnder in soart earepodiumpje mei de bokaal yn in grutte, iepensleinde kist.

Oan de lofterkant is in plak foar it korps en in oantal akteurs (de Skieringers / S.C. Heerenveen) en oan de rjochterkant in plak foar de brassband en in groepke akteurs (De Fetkeapers / S.C. Cambuur).

De Skieringers (ynklusief de muzikanten) sjogge der út as Midsieuske eallju, ridders en soldaten, mar wol mei in shirt fan SC Heerenveen. Foar de Fetkeapers jildt itselde, allinne drage sy in shirt fan Cambuur. By eltse kamp binne in pear ehbo'rs mei in draachberje. Midden op it slachfjild sjogge wy in boer, dy't de hiele sêne unfersteurber troch ploegjen bliuwt. Ek rint dr yn it midden earne in skiedsrjochter.

By de komst fan it publyk spylje de twa muzykgroepen om beurt in deuntsje.

Soldaten/spilers ynspekterje harren wapens en oefenje der mei: swurden, kûgelslingers, pylk en bôge, ensfh. De sfear is dy fan in gesellige keatsmiddei op 'e PC. As it publyk hast sit wurdt de sfear grimmitiger: de muzykgroepen spylje no troch inoar hinne, it lûd giet omheech en úteinliks wurdt it in kakofony.)

WYBE

In hiele goeie middei, boargers en bûtenlju. Kom der yn, sykje in plakje. Wy ha der wer nocht oan.

WYTZE

Ha wy der wer nocht oan, Wybe?

WYBE

Wis en sekuer, ha wy der wer nocht oan Wytze.

WYTZE

Dat tocht ik ek Wybe. Is it net noflik waar foar in hearlik partijtsje knokke, fjochtsje en slaan. Dat beloofd wat. It wurdt spannend yn Spannum, Wybe. Mannen, kin it efkes wat rêstiger mei dy herje? Aardich dat jim de boel wat opfleure, mar wy kinne hjir ús eigen wurden net iens ferstean.

(de muzyk stoppet)

WYBE

Hjoed alwer de twahûndertste edysje fan de jierlikse striid om de klearebare fan de Fryske Frijheid yn de Klasse by útstek, bêste minsken. En wa stride der hjoed yn de Finale, Wybe?

WYTZE

Ris efkes sjen, Wytse. Rjochts, foar de sjoggers lofts, stiet it team fan S.C. Heerenveen yn 'e startblokken.

WYBE

En lofts-foar-de-sjoggers-rjochts stiet Cambuur te popeljen om de striid oan te gean in dizze derby.

(De skiedsrjochter yn it midden stekt in earm omheech en blaast op syn fluitsje. Daliks dêrnei makket hy sich hastich út 'e fuotten.)

WYTZE

Minsken it giet oan, wy binne los!

(De twa partijen stoarmje op elkoar ôf en bedriigje elkoar mei swurden, skylden, lânsen, knuppels en oar (skomrubberen) striidark. De muzykgroepen spylje om bar, neffens wat foar partij yn 'e oanfal is.)

WYBE

(superfluch) Oer de lofterkant stoarmt de foarhoede fan it Fean nei foaren. In ien-twaatsje mislearret spitgernôch, mar troch in lokkich tafal wit men dochs in skot op doel te dwaan.

WYTZE

(Idem) De ferdigening fan Cambuur stjit ûnder drok troch min útferdigenjen, mar troch sleau ôfspyljen fan de tsjinpartij witte se dochs it inisjatyf nei harren ta te lûken. Der folget in razendsnelle kounter. Dit koe wol ris de earste treffer wurde kinne. Wa stoppet dizze man ôf? Dêr stoarmje de hulptroepen fanôf de sydline oan. Twa ferdigeners setten de efterfolging yn. Der wurdt in sliding ynsetten – en o, o, o, wat bard dêr? Wat bard dêr minsken?

WYBE

Dat is in tackle út it karatehânboek. Dat wurdt read! Dat wurdt bloed!

WYTZE

Kinne wy dat efkes weromsjen?

(De skiedsrjochter blaast op syn fluitsje en daliks stoppet eltsenien op it fjild om dêrnei hastich in oantal stappen werom te dwaan. In oantal spilers dy't by de tackle belutsen wiene werheljen dit dêrnei yn slow motion. Allinne sjocht it der no noch folle slimmer út en komt der ek echte tomateketchup oan te pas. De skieds hâldt in reade kaart omheech.)

WYBE

Net te leauwen dat wie in tige smoarge oertrêding! Moast ris sjen: mei strekte skonk, koppen tsjin elkoar en dan ek noch in karateslach! No, no, no.

WYTZE

In moai spektakel is it wol fansels, mar ja it mei net.

(De skiedsrjochter blaast wer op syn fluitsje en de striid giet fierder.)

De útbraak fan Cambuur hat net in soad opsmiten. Heerenveen giet op 'e nij yn 'e oanfal, behearsket no it middenfjild mar moat kear op kear belies jaan. De striid giet no hinne en wer en wurdt ek hieltiten rûger. No, no, no. Dit giet mâl!

(Der falle no deaden en ferwûnen. De skiedsrjochter blaast wer op syn fluitsje, mar inkele spilers fallen him no ek oan en wurkje him tsjin de grûn. Wilens hat Roorda syn shirtsje útlutsen en giet ûngemurken nei de ferslachjouwers.)

WYBE

Mei dit allegearre samar? Mar wat is dat? Wat bard dêr? De skiedsrjochter wurdt oanfallen. Alle kikkerts yn 'e kroade! Dit is net te leauwen!! Meie wy hjir in werhelling fan sjen?

(Roorda grypt fan ien fan de ferslachjouwers in mikrofoan)

ROORDA

Ho! Ophâlde. Fuortendaliks.

(Eltsenien befriest daliks yn syn hâlding.)

Sa gong it net! Sa wie it net! Jimme meitsje dr in ûnskuldich spultsje fan, mar it wie twa hûndert jier lang oarloch. It wie moard en deaslach, brânstifting, plonderjen en rôf.

WYBE

Ik fûn dit oars ek al behoarlik heftich. Wa binne jo eins?

ROORDA

Sybrant Roorda, omstanner en fan oarsprong in Skieringer. Jo woene it dochs efkes weromsjen? Jo wolle dochs witte hoe dat it werklik siet, mei dy bokaal om de Fryske Frijheid?

WYTZE

Ja, de Fryske Frijheid. Ik koe it nearne weromfine? Wat wie dat?

ROORDA

No, om te begjinnen wie it net sa ienfâldich sa as jimme it hjir sjen litte. It Hearrefean bestie überhaupt noch net en Cambuur spile doe yn gjin inkele kompetysje.

SKIERINGER 1

Wat dogge wy dan yn dy stomme shirtjes?

FETKEAPER 1

Jonges, wy wurde net mear sponsorje. Dus jimme kinne gewoan wer jimsels wêze.

(De spilers litte har 'freeze' los en lûke harren shirtjes út. Se rinne wat doelleas rûn op syk nei har partij. Wilens drage twa EHBO'ers, de kreunjende skiedsrjochter fuort op in draachberje.)

ROORDA

Fan ôfstân like it noch wol reedlik oersichtlik: dy dêr wiene de Fetkeapers en dizzen hjir wiene de Skieringers.

FETKEAPERS / SKIERINGERS

(eltsenien praat troch inoar en nei wat hinne en wer rinnerij wurden de partijen op 'e nij foarme).

En wêr hear ik dan by? / En ik? / Do hearst by harren. / Kom mar by ús. / Nee, hy heart by ús. / Wa binne jim dan? / Ik wit it net mear. / No ja, dan kom ik wol by jimme. / Wie ik hjir earder? / *(gûlend)* Ik hear nearne by. / Kom, hjir dan mar.

WYBE

Ik fûn it mèi shirtjes wol dúdliker. Wa is no wa?

WYTSE

En hoe gong it dan? En wêr kaam dat wei, Skieringers en Fetkeapers?

(Der set in ynbannich tsjerkemuzykje yn en by eltse partij ûntstiet in groepke mûntsen, dy't it lân ploechje. De Skieringers ha in grize pij oan; de Fetkeapers in brune.)

ROORDA

Yn it begjin fan de fjirtjinde ieu begong de illinde. Der hawwe hjir altyd boeren en hearen west, mar de kleasters ha Fryslân ta ûntwikkeling brocht. De mûntsen wiene sunich en hja wurken hurd. Se libben yn earmoede, mar se wiene ryk.

FETKEAPERMONNIK 1

Wat moat dat, smoarge skiere mûnts? Dit lân is fan ús. Fuort do!

(By de Skieringers hâld immen in boardsje omheech: 'SKIER = GRIIS')

SKIERMONNIK 1

Hielendal net, fize, fette Fetkeapers. Wy wiene hjir earst.

FETKEAPERMONNIK 2

Oh, hy skelt ús út foar Fetkeapers! Wêrom eins?

FETKEAPERMONNIK 2

Om't wy it fee fetmêsten en dan ferkeapje.

SKIERMONNIK 2

Ja, en om't jimme sels in soad fet op 'e bonken ha.

FETKEAPERMONNIK 3

(De dikste, liik) Ik? Dik? Dat moasto sizze, skiere fetsak.

(De mûntsen geane elkoar mei in soad herje te liif, stipe troch oare partijgenoaten.)

SKIEDSRJOCHTER

(Fanôf syn draachberje, lûd.)

En in skiedsrjochter hiene je doe noch net!

WYTZE

(Blaast op it fluitsje fan de skiedsrjochter.)

Ik set him efkes op pauze hjir. *(eltsenien op it slachffjild befriest)*. Hoe kin it no dat om sa'n ûnbenulligens minsken twahûndert jier lang oarloch hiene?

ROORDA

Tsja, wa sil it sizze? Fan it iene komt it oare. Giet it net altyd sa? De kleasters ferpachten it lân oan de boeren, guon boeren waarden ryk, krigen mear lân en krigen mear te fertellen. Dat waarden de bazen in harren gebiet en harren famyljes waarden aadlike famyljes, dy't it jild en de foarrjochten yn harren famylje hâlden woenen, troch mei oare famyljes fan kwizekwânsje te boaskjen. Mar dêrby krigen se hieltyd wer rûzje mei oare famyljes.

SKIERINGER 2

Ik krij kramp!

FETKEAPER 2

Kinne wy wer?

(De muzyk start in hoempa-eflich deuntsje, en op 'e maat fan de muzyk begjint it fjochtsjen wer. De mûntsen ha harren pijpen ôfsmiten en fjochtsje ek mei. No komme der oan wjerskanten nei inoar ferskate buordsjes omheech (sa as by de Olympyske Spullen) mei nammen as: LIAUCKAMA, HARINXMA, DONIA, DOUMA, GALAMA, BURMANIA. Rûnom de buordsjesdraggers foarmje sich groepkes, dy dan oare groepkes te liif gean – ek mei buordsjes. Bytiden rinne der striders oer, faaks sels hiele famyljes. De boer dy't noch hieltyd oan it ploegjen is hâld in buordsje omheech mei DE BOER en Roorda hâldt mei tsjinsin in buordsje ROORDA omheech.)

WYTZE

En nei de tee geane wy wer los, dames en hearen. De Liauckama's ha it oan de stok mei de Harinxma's, mar dy krije lokkich stipe fan de Galama's, dy't in glûperich geskai bûtenom meitsje. Mar dêr lûke de Donia's rjocht troch it midden op. Mar wat bard dêr? Wat bard dêr? Dat is in hurde klap.

(De skiedsrjochter, noch hieltyd op syn draachberje, lûkt in reade kaart en de EHBO'ers drave op de deaden en ferwûnen ta.)

ROORDA

Sa gong it jierrenlang troch. It iene skeel lokke de oare út en nimmen wist einliks noch wêr it allegearre om begûn wie.

WYBE

It liket wol de maffiaclans op Sicilië.

WYTZE

As de militia's yn Libië.

WYBE

Wie dit no dy ferneamde Fryske Frijheid?

ROORDA

Ik skamje my djip om it ta te jaan: ja.

WYTZE

Wie der dan nimmen dy't yngripe koe?

ROORDA

Dat wie't him krekt. Hiel Europa wie feodaal: Je hiene de keizer, syn lienhearen – graven, hartoggen – en ûnder oan dy piramide wiene de hearigen. Dat wiene boeren dy noch krekt gjin slaaf wiene. Mar yn Fryslân wiene gjin hearigen.

(Der klinkt in klaroensinjaal en as ien man rjochtsje de fjochters harren nei it publyk en roppe mei krôlde fûst:)

ALLEN

Leaver dea as slaaf!!

(Fuortendaliks wurdt it fjochtsjen wer ferfet.)

ROORDA

Mar om't je gjin hearigen hiene, wiene der lykwols ek net grutte hearen, allinne mar lytse hearen. Eltsenien wie Fries, der wiene Fryske wetten, mar der wie gjin foarst en gjin Frysk bestjoer.

WYBE

(tsjin de fjochtsjenden) Hee jonges, hoefolle stiet it?

(It fjochtsjen stoppet wer foar in lyts skoftke en de Skieringer telt op syn fingers.)

SKIERINGER 3

Wy stean foar!

FETKEAPERS 3, 4, 5

Hielendal net. Wy stean dik foar. Jimme binne dik oan it ferliezen.

(Fuortendaliks begjint it knokken wer.)

WYTZE

Dit kin dochs sa net iuwen troch gean?

ROORDA

Mar dat barde wol. Fan rûn 1325 oant, pak him beet 1525. Net de hiele tiid en safolle deaden foelen der net, mar doch.

WYBE

Hoe is it dan ôfrûn?

ROORDA

Al gau begong eltse partij dr gruttere machten by te lûken. De Fetkeapers hellen de Grinzers derby.

(De partijen stellen harren no tsjinoer elkoar op. By de Fetkeapers komme in pear arrogante krêftpatsers nei foaren yn it shirt fan F.C. Groningen. Immen hâldt in buordsje omheech mei 'ER GAAT NIETS BOVEN GRONINGEN'. De Skieringers barsten út yn boegerop.)

ROORDA

No wie Grins gewoan in Fryske stêd..

FETKEAPER 5

O, wacht ris efkes.

(Hy ferfangt it buordsje troch: 'DER GIET NEAT BOPPE GRINS')

ROORDA

.. dy't sich opsmite as kampioen fan de Fryske Frijheid. Mar de oare kant prebearre de Hollanners derby te beheljen...

SKIERINGERS

'Hup, Hollân. Hup'

(se swaaie net al te oertsjûgjend mei read-wyt-blaue flachjes.)

ROORDA

En doe dat net in soad holp helle de iene partij de hartoch fan Saksen derby en de oare partij de hartoch fan Gelderlân.

(Mei pompeuze muzyk wurdt by de Skieringers de ryk optoaide hartoch fan Saksen yn in draachbere stoel nei foaren skowt. Hy hat in kistke op skoat, mar beweecht net. Op in stuit wurdt de muzyk oerstimd troch de muzyk fan 'e oare kant, wêr de hartoch fan Gelre op in draachstoel nei foaren skowt wurdt, ek mei in kistke op skoat. Tagelyk geane de kistkes iepen en wurdt der struit mei jild. De partijleden tuskje nei it jild en stelle harren dan yn twa strakke formaasjes op. Stilte.)

WYTZE

Dit komt net goed.

WYBE

Dit komt op 'e kop ferkeard.

(Der klinke nei elkoar twa kanonskotten en dan drave de twa formaasjes wer efter elkoar oan.)

ROORDA

De hartoggen lieten it smoarge wurk troch hiersoldaten berêde. Mar dy krigen gauris net as wol soldij

WYBE

Soldij? O, fan soldaten?

ROORDA

Salaris, ja. En as se gjin jild krige dan sloegen se oan it plonderjen, moarden en brândstiften. Like as yn Kimswert by boer Pier Gerlofs Donia, better bekend as Grutte Pier.

(De twa soldatengroepkes falle yn net organisearre bindes útinoar en pakke fan omstanners wat se gripe kinne. In pear bestelle Grutte Pier, dy't op 'e grûn leit te snoarkjen, mei in swurd fan twa meter neist him. As hy wekker wurdt, klapt hy de dieven mei harren koppen tsjin elkoar en pakt syn swurd. Dat is lykwols sa grut en swier dat hy it earst net fan 'e grûn krijt en dêrnei, as hy it optilt, efter him op 'e grûn falt. Uteinlik swaait hy der gefaarlik mei yn it rûn en raast:

GRUTTE PIER

Bûter, brea en griene tsiis; wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries!

(Eltsenien stiet no yn 'e rûnte om him hinne en skrillet tebek as de woeste Pier yn 'e buert komt. Inkele falle deadlik troffen del. De EHBO hat it drok.)

ROORDA

Mar Pier deade net allinne Saksers en hiersoldaten, mar ek Dútske keaplju, Hollânske seelju en sels Friezen, dy't wól sizze koenen:

GRUTTE PIER

Bûter, brea en griene tsiis; wa't dat net sizze kin is gjin oprjochte Fries!

ROORDA

Uteinlik gong it sels syn baas te mâl.

HARTOCH FAN GELRE

(stiet op) Pier, ik ha noch in putsje foar dy yn Noard-Hollân. Medemblik platbrâne.

GRUTTE PIER

(sjongend en swaiend ôf.)

En Medemblik giet nei gichem! En Medemblik giet nei gichem..

ROORDA

Doe't it jild fan de hartoch fan Gelre op wie, joech hy it ek op...

(De hartoch fan Gelre slút syn kist, lit 'e holle mismoedich sakje en wurdt yn syn stoel ôfdroegen.)

De measte Fryske eallju erkenden úteinliks it gesach fan de hartoch fan Saksen.

(De hartoch fan Saksen fiert steande mei de hannen gear syn triomf, as in bokser.)

HARTOCH FAN SAKSEN

Um meine Triumpf zu feiern, möchte ich gerne die Kanonenschüssen noch einmal hören, ja?

(In betsjinner fan de karbidbussen hâldt syn hân op.)

KARBIDMAN

Komt klear. Das macht zwei Euro fünfzig.

(De hartoch sjocht yn syn kist, mar dy is ek leech. Ek hy lit mismoedich de holle sakje en wurdt yn syn stoel ôffierd.)

WYTZE EN WYBE

En doe?

ROORDA

De hartoch fan Saksen ferkocht Fryslân oan de hartoch fan Bourgondië. Dy wie al Hear fan de measte gewesten yn de Lege Lânnen en ek nochris keizer fan it Hillige Roomske Ryk.

(Klaroensinjalen. Earne middenefter giet in gerdyn iepen en sjogge wy it portret fan Karel V; by foarkar dat fan Titiaan.)

WYTZE EN WYBE

Keizer Karel V!

(Der klinken twa karbidknallen, wêrnei it portret samar nei ûnderen falt. Immen hinget it hastich werom.)

ROORDA

Syn bewâld wie yn Fryslân net folslein, mar der wie alteast eaietsfan sintraal gesach en de einleaze strideraasjes wiene einliks foarby. Gjin frijheid sûnder rjocht. Gjin frede sûnder bewâld. Gjin oarloch sûnder jild. Ik bin bliid dat ik dêr in bytsje oan bydrage mocht.

WYBE

Ja der is hiel wat feroare.

DE BOER

No ja, foar my feroaret der net sa'n folle. Wy wolle moarn dochs allegearre wer ite? No, dan moat der wol oanpakt wurde.

(Wylst de muzyk klinkt wikselje de spilers fuotbalshirtjes út en skodzje se elkoar de hân. As der ta ein beslút wer in kanonskot klinkt draaie se harren nei it publyk en bûgje.)

* * *

BRULLOFT

as

'Sân sûnden, sân deugden'

Personaazjes:

Ymck Sybrantsdr. Roorda	de breid, 25 jier
Bocke Sickes Gratinga	de brêgeman, 19 jier
Sybrant Roorda	heit fan de breid, 65 jier
Haringh Hottinga	mem fan de breid, 51 jier
Sicke Bockes Gratinga	heit fan de brêgeman
Ydt Juws Dekema	mem fan de brêgeman
Jurriën	broer fan Ymck, 23 jier
Anna	suske fan Ymck, 20 jier
Hotze Castelein	Kastlein fan it 'Wapen fan Spannum'
Hylkje Castelein	syn frou
Teatske Parrebeam	notaris en houlikskonsulinte
Muzikanten	
Fierder:	two gidsen, bernsbern fan Sybrant Roorda

(Hotze en Hylkje Castelein, kastlein en kastleinske fan 'It Wapen fan Spannum', begroetsje de gasten freonlik en lit se oan lange tafels plak nimme. 'It breidspear en de famylje komme dr oan' sizze se. Tidens harren dialooch parte se hompen bôle, wyn (as bier) en wetter út. Wilens repetearje de muzikanten let-midsieusk muzyk. Sintraal opsteld stiet in grutte kast, wêr't in wyt lekken oerhinne hinget.)

HYLKJE

Kom der yn, gean sitten.

HOTZE

Gean sitten, kom der yn. Myn namme is Hotze Castelein en ik bin kastlein fan it Wapen fan Spannum. En dit hearlike wyfke is myn frou Hylkje.

HYLKJE

Binne jimme der klear foar? It bard net alle dagen dat de âldste dochter fan Jonkhear Roorda troud. En dan noch wol mei in Gratinga fan Tsjom.

HOTZE

It waard tiid ek, want Ymck is al 26. Dan bin je hast al in âldfaam. Jonkhear Roorda hat de heale adel fan ús heitelân ôfrûn om in geskikte partij te finen.

HYLKJE

Dy oare helte binne Fetkeapers. Dus as Skieringer fallen dy daliks al ôf.

HOTZE

Mar de Gratinga's binne in bêste partij hear.

HYLKJE

(fertroulik) It skynt dat dy Bocke Sickes Gratinga in broekje fan 19 is. En jûn geane se it hjir foar it earst...

HOTZE

At je ryk binne, falt it libben net ta. Alles leit fêst en je meie neat.

HYLKJE

As frou al hielendal net. Hotze en ik, wy ha elkoar earst efkes útprobearre.

HOTZE

Wist noch? Dan gong nachts by dyn âlders it finster op in kier en dan lei sto yn de bêdstee mei dyn lyfke, ek op in kier...

HYLKJE

No Hotze foldie poerbêst, hear. Noch altyd. Mar ja jild moat mei jild trouwe. Dan ha je sels gjin kar. Dan moat je mar sjen oft der wat fleis oan sit.

HOTZE

Mar foar Spannum is 1530 in histoarysk jier. Hjir stiet it yn myn almenak. Efkes sjen.

1530. Margaretha van Oosterwijk, de landvoogdes der Nederlanden treedt af. Keizer Karel zoekt een nieuwe.

HYLKJE

Nea fan heard.

HOTZE

In Zeeuws Vlaanderen heeft de Felixvloed 100.000 slachtoffer geëist.

HYLKJE

Zeeuws Vlaanderen? Wêr leit dat?

HOTZE

Hjir ha ik it. 1530 Ymck Sybrandtsdochter Roorda, oudste dochter van Jonkheer Sybrandt Roorda, heer van Spannum treedt in het huwelijk met Bocke Sickes Gratinga, oudste zoon van de heer van Tzum.

HYLKJE

(flústeret) Sis Hotze, guon gasten sjogge der wol in bytsje raar út. Dat dráách je toch net op in brulloft yn 1530. Wat in súteriche klean sis.

HOTZE

(flústeret) Net wize, Hylkje. *(tsjin gast, dy't in hap nimt.)* Sis, dat is foar straks, do meist noch net begjinne.

MUZIKANT

Moatte wy dat wolkomstliet noch oefenje?

HYLKJE

O ja! As de famylje der yn komt jou ik dit teken *(se docht de hânpalmen omheech)* en dan giet eltsenien stean en dan set de muzyk yn en dan sjonge wy.

(De muzyk set 'Daar komt de bruid' yn en Hotze en guon gasten begjinne te sjongen.)

HYLKJE

Nee, nee, nee. Dat wie it teken noch net. Earst in teken, dan stean, dan de muzyk.

HOTZE

Wat is dat einliks foar nuvere muzyk?

MUZIKANT

Dat fûn ik hjir earne. Mendelsohn 1840 stiet der op. Ik fûn it wol in fleurich mopke.

HOTZE

Joadenmuzyk? Nouja, toe mar wer.

HYLKJE

Dus: dêr komme se! Nee, net echt Hotze. Ik doch dit. Jimme geane stean. Stean! En dan de muzyk.

(De muzyk set op 'e nij yn. Eltsenien sjongt mei, mar it liket nearne op. Teatske Parrebeam komt op. Se draacht in modern, strak mantelpakje en in diplomatenkofferke.)

PARREBEAM

Au, au, au. It docht je gewoan sear oan de earen.

(De muzyk stopt.)

HOTZE

En wa binne jo?

PARREBEAM

(oerlanget in kaartsje) Teatske Parrebeam, notaris yn oplieding. Fan notariaat Van der Hem út Jorwert. Wy binne in hiel âld notariaat. Ik woe graach de breid efkes sprekke. Skikt it?

HOTZE

(lêst) 'Van der Hem, notaris sinds 1504' Nimme jo dat âld? Ik bin fan 1500, dat is fjouwer jier âlder.

HYLKJE

Ha jo in útnoeging fan de Gratama's as fan de Roorda's?

PARREBEAM

(iepent koffertsje) Ik ha hjir in fersyk fan beide heiten om in kontrakt op te stellen mei de houliksbetingsten.

HOTZE

Is dit it nije unifoarm fan de notarissen?

PARREBEAM

Ik bin bang dat neamde betingsten net gehiel legaal binne mar mear yn it ekonomysk belang fan beide haden fan de famyljes . Koartsein, ik ha mysels útnoege om der wis fan te wêzen dat hjir gjin sprake is fan in twongen houlik.

HYLKJE

(optein) Ach heden Hotze, in moetje! Dêrom sit dy troujurk fan Ymck sa twang om 'e lea.

HOTZE

Ach nee jûh, sa bedoelt mefrou it net.

PARREBEAM

Net allinne de breid ek de brêgeman ha nei alle gedachten net frijwillich de lapen gear smiten. Ik bin bekend mei it ferskynsel twongen houliken út Islamityske êfterstânswyken.

(Op 'e eftergrûn hearen wy hynders en oare lûden.)

HYLKJE

Dêr silst se ha, Hotze! Gau!

HOTZE

Jo meie wol by de oare gasten sitten gean. Stiet jo hynder al op stâl?

PARREBEAM

Ik bin op de brommer.

HOTZE

Op de wat...?

HYLKJE

Toe no Hotze! Se komme! Muzyk, muzyk!

(De muzikanten begjinne fuort te spyljen. It publyk sjongt mei. Hylkje jout noch gau it teken: hân omheech. Mar it is allegear wat rommelich. De twa famyljes stappe nei binnen, foarop de âlders fan breid en brêgeman. Hotze en Hylkje bûge en begroetsje. De leden fan de famylje foarmje in hage dêr't it breidspear ûndertroch rint, wylst wurde se bestruit mei roazeblêdjes. De brulloftgasten nimme plak efter in lange, dutsen tafel.)

HOTZE

Wolkom, heech acht brulloftspear. Wolkom Jonkhear en Froue Gratinga en fansels ek ús master Jonkhear Roorda en syn famylje, by dit heuchlik barren. Hiel Spannum en omkriten is nei ús beskieden herberch kommen om de histoaryske ferbyntenis tusken it Hûs Roorda en it Hûs Gratinga by te wenjen. Wa hie ea tinke kinnen dat de dierbere, mar net al te kreaze dochter fan ús master toch noch ris oan 'e man, no ja, jonge komme soe...

ROORDA

(stiet op) Ja, ja, ja. Tankewol kastlein Castelein. Tige tank ek ynwenners fan Spannum dat jim yn sokke grutte getallen opkommen binne om dizze brulloft mei ús te fieren. Ik sjoch hjir in soad gesichten dy't ik noch nea earder yn Spannum sjoen ha, mar ik bin bliid dat de rom fan ús beide geslachten *(bûget nei Gratinga)* sa grut is dat jimme fan fier en hein kommen binne om op myn kosten it glês te hifkjen op ús lokkich breidspear: Bocke Gratinga en Ymck Roorda.

(Hy hâldt in romer omheech om te proasten en eltsenien giet stean. Ymck Roorda, dy't al in skoftke siet te draaien op har stoel, bliuwt lykwols sitten.)

HARINGH

Skeelt der wat, leave?

HYLKJE

Sy is swier. Tocht ik it net!?

YMCK

Nee, ik bin net swanger! Ik moat gewoan pisje!!

BOCKE

Lit my dy helpe, leave.

(hy helpt har oerein, sadree Ymck stiet rint se mei tichtknypte skonken fuort.)

YMCK

Dat soe geweldich wêze leave, mar ik tink dat ik dit allinne dwaan moat.

BOCKE

Mar ik moat eins ek hiel nedich.

(Beide rinne muoisum ôf. Broer Jurriën, sus Anna en de beide memmen wurden no ek draun troch hege need en folgje it breidspear; de memmen as lêsten – allegearre mei tichtknypte skonken.)

JURRIËN

In oere op it hynder hinne, in oere werom en dan noch twa oeren yn tsjerke – dat hâld ik ek net út sûnder te pisjen.

ANNA

Doe't de pastoar mei it wijwetter begûn te sproeien, hâlde ik it eins al net mear.

HARINGH

De mis wie prachtich, echt wier. Mar wol wat oan de lange kant.

YDT

Om't wy de langste toer fan Fryslân ha, mient de pastoar ek dat hy de langste preek ha moat.

HARINGH

Mar wêrom wurde jim yn Tsjom no eins de lyntsjesnijers neamd?

YDT

No dat sit sa... *(ôf)*

HYLKJE

It húske stiet efter op it hiem, froulju!

ROORDA

No, dat is my ek wat.

(Hy proast en drinkt mei Gratinga. En Castelein jout it publyk in teken dat it no ek drinken en ite mei.)

GRATINGA

Wat wie dat eins foar nuvere muzyk, doe't wy der yn kamen, Roorda?

ROORDA

Noch nea earder heard, Gratinga. Ik wenje no fjirtich jier yn Spannum, mar it doarp bliuwt my fernuverjen.

PARREBEAM

Uhh, hearen.... No ik jim dochs allinne tref... Mei ik my efkes foarstellen. Notaris Parrebeam is de namme. (*jout hân*). Ik ha hjir it houlikskontrakt...

(Gratinga iepent it slúf en begjint te lêzen fan in papier mei typeletters.)

ROORDA

Wêrom stjoert de notaris syn wiif? Koe hy sels net komme?

PARREBEAM

Ik bin de notaris.

GRATINGA

(Lêst snel, meneuvelend) 'Fiif hynders, tsien kij, tweintich bunder greide, tritich tûzend florijnen.. As... wannear.. yn it gefal dat... hm-hm-hm, Jorwert, Anno Domine 1530 ...

Keurich, kreas, neat op oan te merken. En wat ha jo in bysûnder hânskrift.

(al pratend hellet hy in guozzefear en in inktpotsje út syn bûse. Dêrnei tekent hy it dokumint en skowt it troch nei Roorda om te tekenjen. Wylst Roorda lêst en tekent betellet hy Parrebeam fiif goudstikken út.)

PARREBEAM

Der is lykwols ien betingst foar dat dit dokumint rjochtsjildich wêze kin, hearen.

GRATINGA

Dat is?

PARREBEAM

Ik moat my der fan fergewisse dat sawol de breid as de brêgeman folslein frijwillich dizze ferbintenis oangean binne.

GRATINGA

Wat is dat foar ôfwaaid praat?

PARREBEAM

Sa stiet it yn de wet.

ROORDA

Hokker wet? Dan soene se sa mar trouwe kinne mei wa't se wolle? Soks bestiet net.

GRATINGA

De adel yn Fryslân soe binne de koartste kearen ferrinnewearre wêze.

PARREBEAM

It muoit my. Sa stiet it yn de wet.

HOTZE

Mar hearen, nim my net kwea ôf. Wat mefrou hjir wol, hoecht hielendal net in probleem te wêzen. It bewiis kin sa levere wurde.

ROORDA

Hoe sa dat, kastlein Castelein?

GRATINGA

It giet om it prinsipe, Roorda. Ik hoech neat te bewizen.

HOTZE

No sjoch, at jim efkes stil binne allegearre...

(It wurdt deastil yn de seal. Sachtjes heare wy it gekreun fan in stadichoan lûder wurden frijpartij, mei kreetjes fan 'O, Ymck', 'O, Bocke, Bocke, Bocke!'. Roorda en Gratinga sjogge elkoar oan en probearje de oarsprong fan it lûd te finen. Ek de oare famyljeleden kearen werom en geane op syk nei it breidspear. Op 't lêst bliuwt Jurriën stean by de kast wêr't it lekken oerhinne hinget.)

JURRIËN

(sêft) Heit. Heit!

ROORDA

(stelt sich op by it lekken, wêrefter it no ek stil wurdt.) Achte oanwêzigen! Yn ôfwachting fan it breidspear dat it op it stuit noch wat te drok hat, wol ik no dochs mar oergean ta de ontbleating fan it kado fan de famylje Roorda oan it lokkige breidspear.

JURRIËN

Wy kinne ek net langer wachtsje, heit.

(Roorda lûkt it grutte doek nei ûnderen, wêrnei in ûnbidich antike kast ferskynt. Yn ien fan de iepeningen sjogge wy Bocke en Ymck ferstive yn in ynlike omearming. Bocke hat de broek al op de ankels en ek Ymck is healneaken. Stilte.)

YMCK

Oeps.

(Yn ien klap wurdt de stilte trochbrutsen yn bolderjend laitsjen, gejoel en hantsjeklappen fan eltsenien. Ymck en Bocke laitsje wat fernuvere en beide memmen lûke gau it lekken wat omheech, wylst de jongelju harren wer fatsoenearre.)

ROORDA

En, frou Parrebeam? Ha jo noch mear bewiis nedich?

PARREBEAM

Nee, nee. Dit liket my dúdlik genôch ta.

GRATINGA

Dit is in pronkje, Roorda.

YDT

Ja no.

GRATINGA

In juwieltsje foar eltse húshâlding.

YDT

Ja no.

GRATINGA

Hjir kinne wy generaasjeslang grutsk op wêze.

YDT

Ja no.

GRATINGA

Ik bedoel dizze kast.

YDT

Ik bedoel dit span.

ROORDA

Leave Ymck. Bêste Bocke. *(hy nimt de proast-hâlding yn fan earder)* Dizze kast hat generaasjes lang de famylje Roorda tsjinne yn goede en minne tiden. Sy hat foar ús alles bewarre wat wy nedich hiene om te libjen. Mar net allinne foar it liif, ek foar de geast: hjir bewarje wy ús boeken, dy't ús leare oer God en duvel, oer goed en kwea, oer trou en ûntrou en hoe't de wrâld yninoar stekt. Eltse generaasje hat alles wat sy hie yn dizze kast stoppe en alles wat sy nedich hie der út helle. Us rjochten en ús plichten, ús geheimen en ús bekentenissen. Sy bewarre foar ús wat ús nocht dien hat en wat ús sear dien hat, wat yn it ferline opsluten is, lykas de belofte dy't de takomst wier meitsje moat. No oerlangje myn frou Haringh en ik dizze kast oan jim. Dat jim der alles yn fine meie wat jim nedich ha en alles yn bewarje sille wat bliuwe moat. *(Hy wol in proast útbringe, mar is te folle oandien.)*

ANNA

Kom heit, net gûle as in lyts bern op dyn âlde dei. Dit moat in bliere dei wêze.

ROORDA

Mar ik gûl omdat ik blier bin, famke. Hjir, lê's do mar ris wat der op dy laadsjes stiet, tegearre mei Jurriën. En dan joust wat deryn sit oan dyn suske en oan Bocke.

ANNA

'Caritas'. Wat betsjut dat heit?

ROORDA

'Leafde foar in oar'. Sjoch, dizze laadsjes binne de Sân Deasûnden. En dizze sân binne de Sân Deugden. Pak mar wat út it rjochter rychje, dan nimt Jurriën de ûndeugden wol foar syn rekken.

JURRIËN

Dêr haw ik altyd al nijsgjirrich nei west. Efkes sjen. 'Avaritia'

(Anna pakt in itensboard en Jurriën in sleef en dat jouwe se oan it breidspear.)

ROORDA

Dat is it tsjinoerstelde: 'Hebzucht'. Kinst skrabe en ynhelje, mar kinst ek parte en diele.

ANNA

Hjir stiet 'Spes'.

JURRIËN

En hjir 'Gula'.

(Se jouwe resp. huning en molke).

ROORDA

Dat is 'Hoop' en dat is 'Gulzigheid'. Genietsje fan al it moaie, mar ik hoopje dat jim net al te roppich binne.

ANNA

En dit is 'Fides' ..

JURRIËN

..en 'Invidia' – 'Trouw' en 'Jaloezie'. Estt net, heit?

(Anna en Jurriën jouwe Roorda in ring en in earbel, dy se op syn beurt wer oan it stel oerlanget)

ROORDA

Krekt jonge. Sjoch, ast moai bist as ast alles hast, kinst maklik oergeunst opwekke. Mar liuwe oan God en trou oan dyn partner kin alles oerwinne.

ANNA

(Jout in izeren pook en in fearren kessen)

En dit binne 'Fortitudo' en 'Acedia'.

JURRIËN

Dat betsjut 'Standvastigheid' en 'Luiheid'.

ROORDA

Meist bêst wolris neat dwaan en genietsje, mar de sin fan it libben komt nei foaren yn dyn wurk en yn de stânfêstens wêrmei sto nei dyn doel stribbest.

JURRIËN

En dizze koene wy al: 'Luxuria' en 'Temperantia'.

(Hy jout in baarnende kears en de fiter út it jakje fan Ymck)

ANNA

O ja, 'Lust' en 'Kuisheid'.

JURRIËN

Sis mar geilens en selsbehearsking.

ROORDA

Sûnder lust wie de wrâld útstoarn en wie der gjin wille yn it libben, mar as der gjin behearsking is, draait al it genot út op moard en deaslach.

ANNA

En dan binne wy no by seis 'Justitia': 'Rjochtfeardigens'...

JURRIËN

.. tsjinoar 'Superbia'. Is dat net Idelheid?

(Se jouwe in weachskaal en in spegel)

ROORDA

Earlikheid en rjocht dêr driuwt alles om. Yn de maatskippij, mar ek by man en frou. En de grutste bedriging fan earlikheid en rjocht is dat je waanwizich wurde en tinkst datst mear bist as in oar. Vanitas vanitatum!

ANNA

En dit binne de lêste twa laadsjes: 'Prudentia' ..

JURRIËN

En 'Ira'.

(Se jouwe in boek en in karaf wyn)

ROORDA

"Ira" betsjut lilkens. Wa tefolle wyn drinkt krijt in kweade dronk en wurdt lil en poer. Wy moatte yn ús libben ek foarsichtich libje, mei "prudentia", of better sein mei belied en mei

wiisheid. Want dat ik is wat ik jim yn alles tawinsk: wiisheid om it libben te libjen mei wille en ferstân en mei al dy oare saken.

(Hy omearmet syn dochter.)

YMCK

Do bist de bêste heit dy't in dochter har tawinske kin.

(Eltsenien klapt en jûchheit. De muzyk set yn.)

GRATINGA

No moatte wy noch hieltyd proaste, Roorda.

BOCKE

(heft it glês) Op de Roorda's en de Gratinga's!

ROORDA

Op it libben en in lang en lokkich houlik.

(Eltsenien drinkt. Samar ynienen befriest eltsenien yn syn hâlding, op Hotze en Hylkje nei.)

HYLKJE

En sa giet ek de moaiste dei fan it libben ienris foarby.

HOTZE

Mar net treure, it libben begjint no pas.

HYLKJE

En de nacht. Wêr't Bocke en Ymck de hiele dei nei útsjoen ha.

(Bocke en Ymck begjinne wer foarsichtich te frijen en lûke harren dan werom.)

HYLKJE

Sille wy harren mar eefkes allinne litte?

HOTZE

Jimme moatte trouwens mar gean. Der stiet jimme in nije episoade yn it libben fan jonker Sybrant Goffes Roorda te wachtsjen.

HYLKJE & HOTZE

Farwol.

* * *

DOOP

as

'In geheim bewarje'

Personaazjes:

Harm Harmensz	koster
Pastoar Lievens	
Jelle	mistsjinner, ûng. 12 jier
Sybrant Roorda	ûng. 70 jaar
Anna	âldere faam by de Roorda's
Ymck Gratinga-Roorda	dochter fan S. Roorda, 38 jier
Bocke Gratinga	man fan Ymck, 32 jier
Keimpo fan Martena	âlde freon fan Roorda
Jurriën	soan, 36 jier
Goffe	bastertsoan, 57 jier
Homme Hommertsz	notaris
De geast fan Haringh Roorda	
De geast fan Anna Roorda	
Oare geasten	
Pakesizzers:	Simke, Sytze, Sybren; Sytske, Sijke en Saapke

(Foar de tsjerketoer fan Spannum stean koster Harmensz., pastoar Lievens en mistsjinner Jelle. Jelle draacht in wijwetter kwast en in koperen ammerke, wêrmei hy sa no en dan, as menear pastoar net sjocht, hjir en dêr wat segent. Wylst de pastoar sprekt wurdt it publyk op oanwizingen fan de pastoar troch de koster oan wjerskanten fan it paad opsteld.)

PASTOOR

Wolkom, ynwenners fan Spannum, wolkom beminde leauwenden. Bring de minsken efkes te plak Harm. Wat in folk, prachtich, prachtich. Wolkom by de doop fan de earstberne fan de heechberne ealman Bocke Gratinga en syn frou Ymck Gratinga-Roorda, de dochter fan ús beskermhear Sybrant Roorda. En dêr ha wy de pakesizzers fan Sybrant Roorda ek. Jim ha efkes in slach troch de buorren makke? Moai, moai.

PAKESIZZER 1

Is pake der al?

PAKESIZZER 2

Wy ha wat foar pake.

PAKESIZZER 3

Wy ha in hiel soad foar pake!

PAKESIZZER 4, 5, 6

Allegearre fûn. / Wy ha it hiele doarp troch west. / Is pake der net?

PASTOAR

Berntsjes, berntsjes. Kalm oan! Net sa hastich. Jonkhear Roorda komt der sa oan. As jimme no efkes in soarte fan earehage foarmje foar ús heechpleatste famylje. Dy minsken dêr moatte noch wat oan 'e kant Harm. Sa kin der gjin hûn troch. En dan jouwe jimme aansjen mar wat jim foar him ha.

(Harm en de pakesizzers sette eltsenien te plak en de bern foarmje in earehage lâns it paad..)

Ach, ach dat ús trochloftige master dit op 'e âlde dei noch meimeitsje mei, dat syn âldste dochter in neikommeling krigen hat! En noch wol in soan! It earste bernsbern! Al hat hy dan wol net de namme Roorda, it sil syn âlde hert ferwaarmje. Mei ik jo fersykje om daliks as ús jonkhear Roorda mei syn famylje yn tsjerke komt stean te gean? En as ik dan rop 'Lang libbet Roorda!', dan roppe jimme:

MISTSJINNER

'Hoera, hoera, hoera'?

PASTOAR

Krekt, ja. Mar do seist allinne wat at dy wat frege wurdt, Jelle.

(Hy jout him in draai om 'e earen.)

PAKESIZZERS

Au!

MISTSJINNER

Dy minsken sitte krekt. En neffens my binne se wurch. Wêrom moatte se dan wer stean?

PASTOAR

Wat sei ik no Jelle? Gjin fragen!

(Hy jout him in draai om 'e earen.)

PAKESIZZERS

Au!

PASTOAR

Wat wiesto dêr einliks oan it dwaan, Jelle?

MISTSJINNER

Neat.. ik.. eh, Ik makke de kwast fêst wiet.

(Pastoar jout him in draai om 'e earen.)

PAKESIZZERS

Au!

PASTOAR

Allinne in preester besprinkelt de leauwenden mei hillich wetter, snotbongel.

MISTSJINNER

Menear pastoar, mei ik jo wat freegje?

PASTOAR

No net. Asto grut bist.

MISTSJINNER

As de lytse poppe Gratinga de earste pakesizzer is fan ús jonkhear Roorda, wêr komme al dy oare pakesizzers dan eins wei?

PASTOAR

Watte? Hè? Dy komme... Eh, tsja... Berntsjes, dy't freegje wurde oerslein. Snotbongel

(hy docht syn earm omheech om in klap te jaan)

PAKESIZZERS

Au!

HARMENSZ.

Pastoar! Se komme!

(De famylje Roorda komt op. Earst Bocke en Ymck, mei in lytse poppe op 'e earm. Dan Sybrant Roorda, dy't ûnderstipe wurdt troch de âlde faam Anna. Dan folgje broer Jurriën, bastert broer Goffe en Keimpo fan Martena.)

PASTOAR

Lang libbet Roorda!

MISTSJINNER, PAKESIZZERS, PUBLYK

Hoera! Hoera! Hoera!

(Jelle sproeit wakker my it wijwetter, mar menear pastoars sjocht it net.)

YMCK

Tank jo wol, tank jo wol.

BOCKE

Wy ha it hjir wol oer in Gratinga, ja.

PASTOAR

(hastich) Lang libbet Gratinga!

MISTSJINNER

(hastich, toanleas) Hoera-hoera-hoera.

(Roorda is healwei stean bleaun. Hy kin net mear.)

ROORDA

Geane.. geane jimme mar fêst... nei binnen. Ik ... Ik moat eefkes .. Ik wol eefkes hjir...

PASTOAR

Harm, helje efkes in stoel foar de jonkhear.

MARTENA

Giet it wol, bêste man?

ROORDA

Ja, ja. Tankewol, freon Keimpo. Geane jim mar. Anna past wol op my. Ik wol hjir eefkes allinne sitte.

(De koster komt mei in stoel oansetten en wylst de oaren de tsjerke yngean, nimt Roorda muoisum plak. De koster giet fuort.)

ANNA

Jo binne deawurch. Jo ha de gryp. Sil ik jo nei hûs bringe?

(Sy dipt syn foarholle. De pakesizzers komme foarsichtich op Roorda ôf, harren kistkes yn 'e hân.)

ROORDA

Nee, nee, gjin sprake fan.

PAKESIZZER 6

Pake...?

ROORDA

Sjoch ris wat wy dêr ha. Wêr komme jim allegearre wei?

PAKESIZZER 5

Fan oeral.

PAKESIZZER 4

Jo ha ús op paad stjoerd.

ROORDA

Ik?

PAKESIZZER 3

Wy wiene mei jo yn Worms by Keizer Karel V.

PAKESIZZER 2

Op it slachfjild by Grutte Pier.

PAKESIZZER 1

Op de jierdei fan ús heit. Sechstjin waard hy. Mar doe moast pake fuort.

PAKESIZZER 2

En ik wie sels op de brulloft fan ús mem.

ROORDA

Hoe is 't mooglik? Kin wetter nei boppe streame?

ANNA

Wat seit, myn master dochs allegear?

ROORDA

Wolst foar my in gleske wetter helje, Anna?

ANNA

Jawis. *(sy draaft fuort)*

ROORDA

Dus jim ha ek in lange reis makke?

PAKESIZZER 3

Jawis en wy ha foar jo kadootsjes meinaam.

PAKESIZZER 4

Sjoch, ik ha hjir trije ringen.

PAKKESIZZER 5

En ik ha dukaten fan in hartoch.

(De seis bernsbern iepenje harren kistkes en litte sjen wat se ûnderweis fûn ha. Se prate oeremis troch elkoar en beneame en litte sjen wat se krigen ha.)

ROORDA

Hoe is it mooglik! Wat in mirakel! Tige tank. Mar jim jouwe it oan de ferkearde. Ik bin âld en ik ha fan alles al te folle. Mar jim ha gelyk. Wat is der moaier as je wat fûn ha, as krigen ha, om it letter ek wer fuort te jaan? Want it gebear is wichtiger as it geskink. En foar alles yn it libben jild, dat wy it allinne mar efkes fêst hâlden kinne. Dat ha jim goed troch.

PAKESIZZER 1

Mar oan wa moatte wy it dan jaan?

ROORDA

Oan it nije berntsje fansels.

PAKESIZZER 2

Dat is in goed idee!

PAKESIZZER 3

Hoe hjit er eins?

ROORDA

Dat witte we noch net. (flústeret) Ik tink gewoan fan Jelle.

PAKESIZZER 4

Hmm. Snelle Jelle..

ROORDA

Gean dy kant no mar op.

(De bern geane mei harren kistkes de tsjerke yn, wylst se de namme (Snelle) Jelle op harren tonge priuwe.)

ANNA

(Werom mei in glês wetter. Sy dipt syn foarholle)

Wolle jo dochs net nei binnen? Neffens my ha jo koarts.

ROORDA

Nee, nee, noch eefkes. Ik wol noch eefkes sitten bliuwe, by myn beminde deaden. Fielst harren oanwêzichheid, Anna? Sy lizze rûnom op my te wachtsjen.

ANNA

(rillet) Ja.

ROORDA

Dêr efter lizze myn heit en myn mem. En dêr myn leave frou. O Haringh, wêr bisto no? En myn soan Here, sneuvele op it slachfjild. En dêr myn eagappel, myn leafste dochter Anna. Ik sjoch har noch boartsjen tusken de beammen yn 'e tún. Lokkich ha ik noch in Anna.
(pakt har hân.)

ANNA

Wat bin jo tryst. En dat op dizze bliere dei.

ROORDA

Sy winke my, de deaden. Dêr, fan efter harren grêfstienen sjogge sy yn it tsjuster nei my. Kom Sybrant, kom by ús, kom dochts.

ANNA

Dat is de koarts. Mar jo binne sterk. Ynkoarten leare jo jo pakesizzer jeien en hynderriden. Jo sille ús allegearre oerlibje.

ROORDA

Moat ik dêr bliid om wêze? Dat ik al myn dierberen oerlibje? Dat se om my hinne omfalle, de iene nei de oare, as soldaten op in slachfjild?

ANNA

As it moat kinne jo it drage. Jo binne it sterkste fan ús allegearre.

(Earne ferskynt de spoekftige byltnis fan Haringh)

HARINGH

Sybrant! Moasto alwer op reis? Wêrom lietsto my sa faak allinne?

ROORDA

Ik kom werom, leave. Ik kom werom. De keizer hat my roppen. It is foar Fryslân en frede dat ik fuort gie.

ANNA

Wat sizze jo no dochts allegearre?

HARINGH

Yn 'e grutte wrâld wiesto. Dêr wêr se skiednis skriuwe. Mar ik bliuw hjir yn Spannum, wêr hjoed itselde is as juster en moarn itselde is as hjoed. Wêr't ik alle dagen it plak ynnim fan de master fan it hûs en eltse jûn yn in leech bêd stap.

ROORDA

Sa gau as myn opdracht klear is kom ik nei hûs. Ik kom leafste! Ik kom!

HARINGH

It is te let, Roorda. Te let.

(Har byld ferfaget. Op in oare plak ferskynt de byltnis fan dochter Anna.

ANNA

Jo dwylje. Wacht, ik sil in tekken om jo hinne slaan.

ANNA ROORDA

Hat heit no einliks praten mei de Burmania's, de Buma's, de Dekema's? Moat ik dan Roorda hjitten bliuwe oant myn dea? Ik bin al hast tritich.

ROORDA

Anna! Myn eagappel. Wêr bisto?

ANNA

Ik bin hjir, master. Jo dochter Anna is dea.

ANNA ROORDA

Alle dagen sit ik yn it appelhûf efter hûs. Ik sjoch in berntsje rinnen tusken de beammen. Bin ik dat? Mem soarget hiel goed foar my. Ik bin al hast tritich.

ROORDA

Do bist siik, berntsje. Sa gau asto better bist sykje ik in man foar dy. Dan begjint foar dy in nij libben.

ANNA ROORDA

It is te let, heit. It is te let.

(sy ferdwynt)

ANNA

Jo binne siik, master.

ROORDA

Bliuw Anna, bliuw! *(sjocht nei Anna, de faam)* It is te let, Anna, te let.

ANNA

Nee, master. It is noch net te let. Sy wachtsje op jo. Of wolle jo leaver nei hûs?

(Jurriën komt 'e tsjerke út, folge troch Goffe.)

ROORDA

Anna, myn famke. Sy wie fris en tear as appelbloeisel wat stikken friest yn in al te betide foarjier.

JURRIËN

Wat sit heit dêr no? Wy wolle los. Elkenien wacht op jo.

GOFFE

Ik ha dit eins net oan tiid. Ik ha it idee dat heit my om in oare reden útnoege hat as de doop fan it bern fan myn heal-suske.

JURRIËN

Bist bang foar dyn erfenis? Datsto noch in konkurrint derby krijst?

(Keimpo fan Martena stiet yn 'e doar iepening fan de tsjerke en heard it gerûzje.)

GOFFE

Dy poppe is in Gratinga. Ik tink datsto dy earder soargen meitsje moast om dyn oandiel yn de erfenis. By eintsjebeslút ha ik de âldste rjochten.

ANNA

Hearen...

JURRIËN

Moast de bastert ris hearre. Datsto tafallich ek in soan fan ús heit bist, jout dy noch gjin rjochten.

GOFFE

Ik bin in echte Roorda!

MARTENA

Hearen, dit jout dochs gjin foech. Jim prate oer jim heit as lei hy al op it hôf. Skamje jim.

ROORDA

Tankewol, myn bêste freon. Do hast gelyk. Twa bern ha ik ferlern en hjir ha ik twa bern foar my stean, dy't inoar it ljocht yn 'e eagen net gunne. En dy harren heit sa fluch mooglik yn 'e kiste ha wolle.

(Notaris Hommerts komt hastich oanrinnen, mei in kistke ûnder de earm.)

JURRIËN

Dat is net wier heit.

GOFFE

Jou ús dan wat dúdlikens, heit. Dat wy witte wêr't wy oan ta binne.

HOMMERTS

Bin ik te let? Is de plechtichheid al ôfrûn?

ROORDA

Jo binne krekt op tiid, notaris Hommerts. Ha jo myn testamint ree?

HOMMERTS

Sa as jo my dat opdroegen ha. Wy kinne it nei de doop fan jo pakesizzer wol beprate.

ROORDA

Wolle jo it oan dizze twa jongkeardels lêze litte?

HOMMERTS

Dat is perfoarst net de bedoeling fan in lêste wil.

ROORDA

Jou it oan harren.

(De notaris jout de papieren fan de akte oan Jurriën en Goffe. Wylst sy it lêze, oerlanget hy it kistke oan Roorda. Dy hellet út it kistke in lyts, kostber doaske.)

En? Is it jim nei't sin?

JURRIËN

It kin der bêst op troch, heit,

GOFFE

It koe minder.

(Se jouwe de papieren werom oan Roorda. Dy ferskuort se.)

MARTENA

Wat dochst no, Sybrant?

ROORDA

Faaks lit ik notaris Hommerts op in dei in nijen ien opstelle. *(toant it doaske)* Mar allinne as jimme riede wat hjir yn sit. Sûnder it ea te iepenje.

GOFFE

Hoe soene wy dat riede moatte?

MARTENA

Wat is dat?

ROORDA

Dit lytse kistke ha ik krigen fan ús heit. En hy hat it wer fan syn heit. Neffens pake is it fan Ruurt Roorda, de stamheit fan de Roorda's út 400 nei Kristus, oerjûn fan heit op soan, generaasjes lang.

JURRIËN

Mar wat sit der dan yn?

GOFFE

Dat soe ik ek wol witte wolle.

ROORDA

Ik wit wat der yn sit. En dochts ha ik it nea iepen makke.

ANNA

Hoe kin dat no?

ROORDA

As jim it my op in goede dei witte litte en my tasizze it doaske nea te iepenjen, dan stel ik it testamint op 'e nij op. Oant dy dei wol ik der gjin wurd mear oer heare.

GOFFE

At dit wer ien fan heit syn spultsjes is, dan kin ik wol sizze dat ik dêr gjin nocht oan ha.
(rint fuort)

JURRIËN

En ik al likemin. *(rint ek fuort)*

MARTENA

(stoareaget nei it doaske) Do hast my wol tige nijsgjirrich makke, bêste freon.

HOMMERTS

By my as notaris kinne jo in geheim altyd bewarje.

ANNA

O, O.

ROORDA

Ja? Kinne jimme in geheim bewarje?

(de hearen knikken, komme tichteby en stoarje nei it doaske. Roorda liket oanstalten te meitsjen om it te iepenjen. Jout dan yniens it doaske oan Martena.)

ROORDA

Hjir, meitsje mar iepen.

(Martena sjocht der nei, wifelt.)

Myn heit tocht dat der in hierlok yn siet fan in ferstoarne frou. Myn pake tocht oan in splinter fan it krús fan Jezus.

MARTENA

(jout it oan Hommerts)

Hjir, do iepenst it mar.

ROORDA

Ik sels tink dat der neat yn sit. Mar ik bin der net wis fan.

HOMMERTS

(jout it nei wat skytskoarjen werom oan Roorda.)

Better fan net.

ROORDA

(wol it oan Anna jaan, mar sy skrikt tebek.)

Dat tocht ik ek. Nijsgjirrigens is goed as je in probleem oplosse wolle. Mar alles wat wearde hat, lit sich no ien kear nea folslein kinne. It ferline, de oar, de leafde, dyn eigen hert: dat alles hat in geheim datsto koesterje moast, ek al kinst it net. Der is ek moed foar nedich om in deksel ticht te litten as in doar sletten. As dy twa soannen fan my dat begripe, dan meie se alles fan my ha. Dan bin ik oerstallich.

(Hy hat it doaske wer yn it kistke dien en oan Hommerts joen. Ymck stiet yn 'e doariepening fan 'e tsjerke.)

YMCK

Komt heit noch?

ROORDA

Ja, ja, wy komme der oan.

(Hommerts, Martena, Roorda en Anna rinne nei 'e tsjerke, fanwêr it gûlen fan in baby klinkt. Roorda wurdt stipe troch Anna. Oan 'e râne fan it tsjerkhôf sjogge wy skimen. Yn 'e doariepening draait Roorda him om.)

ROORDA

Sjochris, wat wie dat?

ANNA

Jo sjogge wer dingen dy't der net binne.

ROORDA

Nee, nee, sjoch dan: dêr en dêr!

MARTENA

Ik sjoch it ek.

HOMMERTS, ANNA

Ik ek.

(De froulike skimen yn it wyt widzje harren poppen en sjonge in yl berneferske. Stadich foarmje sy in lange rige dy't yn it tsjuster opljochtet en yn in oanhâldende staasje stadich efter de tsjerke ferdwynt.)

ROORDA

(flústeret) Is dat net ús mem, myn frou, myn dochter? Binne dat de memmen, dy't nei ús komme? Tusken de deaden yn it tsjuster, groeit it nije libben it ljocht temjitte as bloeisel yn 'e maaitiid. Is it net genôch te witten dat wy in skeakel binne yn dy keatling?

(Se draaien harren om en geane de tsjerke yn. Dan stapt de koster nei bûten.)

HARMENSZ.

Jimme meie der ek wol yn komme, hear.

(It publyk giet nei binnen, wêr alle spilers klear stean om it applaus yn ûntfangst te nimmen.)

* * *
* *
*